

LITERATUER

&

Kultuer

3 DVD • 292 MINUTEN

STEVEN DE JONG

Films van

friese bodem

De Gouden Swiipe • De Hel van '63 • De Fûke



DVD  bridge

12

DRaCHTeN, auGuSTuS 2020

Oer literatuer en kultuer ⇨ Fryslânkunde

It fak Frysk hyt folslein *Fryske taal en kultuer*. Learlingen begjinne al yn de foareksamenklasse mei it oanlizzen fan in lês- en kultuerdossier dat tsjinnet as gespreksstof foar it mûnling (neist wat der yn de lessen behannelet wurdt, û.o. taal- en literatuerskiednis) fan PTA 2 yn de eksamenklasse.

Opbou lês- en kultuerdossier:

- Lês-/kultuerautobiografy
- Lêsboeken (oarspronklik Frysk): havo 4 (op syn minst ien boek fan nivo 3) - vwo 5 (wêrfan ien fan foar 1980 én op syn minst ien boek fan nivo 4)
- Ien Frysktalige film
- Frije keuze-opdracht: gedichten *
- Frije keuze-opdracht: skiednis - Ferneamde Friezen *
- Frije keuze-opdracht: Fryslân Dossier (Searje 36) *
- 2 opdrachten bûten skoalle relatearre oan Fryslân en/of it Frysk: iepenloftspul, foarstelling De Lawei/Tryater, museum, ekskurzje, stedskuier ensafuorthinne
- útiensetting
- einbalâns

* havisten kieze twa frije keuze-opdrachten

* vwo-ers kieze trije frije keuze-opdrachten

Totaal:

- havo 9 produkten/opdrachten
- vwo 11 produkten/opdrachten

Oan de produkten dy't vwo-ers ynleverje moatte wurde hegere easken steld as dy fan de havisten.

Ferdieling:

- foareksamenklasse:
 - havo - lês/kultuerautobiografy + 3 boeken + film + 2 frije opdrachten + 2 opdrachten bûten skoalle.
 - vwo - lês/kultuerautobiografy + 4 boeken + film + 3 frije opdrachten + 2 opdrachten bûten skoalle.
- eksamenklasse:
 - havo - 1 boek + einbalâns + útiensetting + taal- en literatuerskiednis
 - vwo - 2 boeken + einbalâns + útiensetting + taal- en literatuerskiednis

Beoordeling dossier :

- Op de boek- en filmferslaggen wurde sifers jûn. It gemiddelde fan dy sifers foarmet 50% fan it sifer op PTA 2.
- De frije keuze-opdrachten + de opdrachten fan bûten de skoalle wurde beoardiele mei O/V/G.
As in opdracht mei in O beoardiele wurdt moat er oanpast/oanfolle wurde om ta in V/G te kommen.

It dossier wurdt ôfsletten mei in mûnling (PTA 2). Dat sifer foarmet 30% fan it sifer op PTA 2. De útiensetting telt foar 20% mei.



Wat is der fierder te finen yn dit diktaat:

- PTA Frysk/Literatuer 2020 – 2021 fan de foareksamenklasse
- It útkiezen fan in lêsbok
- Ferwurkingsopdrachten by in lêsbok
- Ynternetsiden
- Opdracht gedichten
- Frysktalige films
- Ferneamde Friezen
- Fryslân Dossier-opdrachten op Searje 36
- Aktiviteiten bûten skoalle
- Einbalâns

Neist wat yn dit diktaat útlein en beskreaun is, kin it wêze dat yn de rin fan it skoaljier der noch oare saken oan de oarder komme mei betrekking ta literatuer en kultuer. De dosint is frij om eventueel ien en oar ta te heakjen oan it kurrukulum (bûten it PTA om).



It Planetarium yn Frjentsjer

PTA Fryske taal en kultuer H4 - V4 - V5

Yn de eksamenklasse wurdt PTA-perioade II ôfsluten mei in mûnling oer it dossier Fryslânkunde (domein D (foar in part) en E). Yn de foareksamenklasse wurdt al begûn mei it oanlizzen fan dit dossier.

In ûnderdiel fan it lês- en kultuerdossier is it lêzen fan oarspronklik Frysk proaza. Fan elk wurk moat in ferwurkingsopdracht makke wurde.

Tal boeken yn de foareksamenklasse:

rjochting	tal boeken + ferwurkingsopdrachten
havo 4	4
vwo 4 + 5	5 (wêrfan ien fan foar 1980)

Ynleverdata fan de ferwurkingsopdrachten (literatuer) fan dit skoaljier:

-havo:

26 oktober 2020, 18 jannewaris 2021, 8 maart 2021, 31 maaie 2021

- vwo

5 oktober 2020, 14 desimber 2020, 1 febrewaris 2021, 12 april 2021, 31 maaie 2021

Foar it útkiezen fan in boek binne de learlingen frij. Wol de titels earst foarlizze oan de dosint. Nei goedkeuring kin der mei it boek begûn wurde.

Opmerkingen oer it ynleverjen fan ferwurkingsopdrachten:

- De ferwurkingsopdrachten digitaal ynleverje (a.wallinga@singelland.nl). Gjin PDF-bestân opstjoere. As der op in ynleverdatum gjin les is of immen is om wat foar reden dan ek net op skoalle, dan kin de ferwurkingsopdracht gewoan ynlevere wurde!

- Nei't in ferwurkingsopdracht neisjoen is, moatte de skriuwflaters ferbettere wurde (wurde oanjûn troch de dosint). Dêrnei komt it wurk yn it lês- en kultuerdossier.

- Op de ferwurkingsopdrachten wurde sifers jûn. Yn de foareksamenklasse jildt dat sifer mei foar it rapport én foar it lêsdossier. By te let ynleverjen geane der punten fan dat sifer ôf (wurdt troch de dosint bepaald). Dat jildt lykwols allinne foar it rapportysifer.

Komt it faker as ien kear foar dat in lêsferslach te let ynlevere wurdt, dan giet der in berjochtsje nei de teamlieder. Mei him/har (eventueel yn gearspraak mei de eksamenkommisje) sil dan besjoen wurde wat de konsekwinsjes binne fan it benefterbliuwen

- Ynleverje tariedich dossier Fryslânkunde: 14 juny 2021

It folsleine lês- en kultuerdossier moat as foldwaande beoardield wêze, foardat oan it PTA-ûnderdiel Fryslânkunde yn de eksamenklassen dielnommen wurde kin.



Iris Kroes, Emiel fan *De Hûnekop*, Griet Wiersma en Piter Wilkens


Oer de lêsböeken

Foar it útkiezen fan in boek binne de learlingen frij. Wol de titels earst foarlizze oan de dosint. Nei goedkarring kin der mei it boek begûn wurde.

Foar vwo jildt dat de ien boek fan foar 1980 op de list stean moat én op syn minst ien boek fan nivo 4.

Foar havo jildt dat der op syn minst ien boek fan nivo 3 op de list komme moat.

- Lezen voor de lijst → www.lezenvoordelijst.nl/fries



Sûnt maaie 2014 is de Fryske ferzje fan de website www.lezenvoordelijst.nl yn de loft.

Der steane Fryske boeken op ferdield oer seis nivo's. Dêrby is nivo 1 it maklikst/ienfâldichst en nivo 6 it dreechst. By de boeken stiet in beskriuwing fan it boek, ynformaasje oer de auteur en opdrachten.

Oerlis mei de dosint hokker opdrachten makke wurde moatte. Guon opdrachten moatte ûnder it lêzen dien wurde. It is dus wichtich foardat immen oan in boek begjint te lêzen om de opdrachten eefkes te besjen.

Yn de mediateek fan de skoalle is in kast mei Fryske boeken. Alle jierren wurdt de kolleksje oanfold mei de nije boeken.

Op www.dbnl.org steane komplette boeken dy't net mear te keap binne. Dy site is benammen handich foar de âlde(re) boeken.

Understeande boeken steane ûnder oaren op dbnl.org:

- Cap súd R.R.R. van der Leest
- De boumaster fan de Aldehou D.A. Tamminga
- De froulju fan de fetweider Douwe H. Kiestra

- De fûke	Rink van der Velde
- De gouden swipe	Abe Brouwer
- De oerwinning fan Bjinse Houtsma	Anne Wadman
- De reade bwarre	Trinus Riemersma
- De silveren rinkelbel	Waling Dykstra
- De sûnder fan Haitze Holwerda	Ulbe van Houten
- Minskebern	Margryt Poortstra
- Nei de klap	Trinus Riemersma
- Sterke Skouders	Hanneke de Jong
- Swarte ingels	Willem Schoortstra
- Tin iis	Tiny Mulder

Boppesteande list is net folslein!

It is net ferplicht om allinne mar boeken út de list fan lezenvoordelijst.nl te kiezen!

In ferwurkingsopdracht moat bestean út:

1. in titelpagina;
2. in gearfetting fan it boek;
3. de eigen miening oer it boek (plus- en minpunten);
4. ien opdracht fan Lezenvoordelijst.nl of in oare ferwurkingsopdracht (sjoch fierder dizze paragraaf).

1. De titelpagina

De titelpagina moat bestean út de titel fan it boek, in ôfbylding mei titel boek en namme auteur en in blokje persoanlike gegevens ûnder de ôfbylding.

→ blokje

Namme:
Neisjoen troch:
Datum:

2. In gearfetting

In gearfetting is in koarte werjefte (½ A4) yn eigen wurden fan de oarspronklike tekst.

In pear tips:

- Begjin in gearfetting mei de titel en de auteur fan it boek.
- De wichtichste tarieding foar it skriuwen fan in gearfetting is de tekst goed begripe en neifertelle kinne.
- Hâld de haadsaken oan: wêr draait it boek yn earste ynstânsje om?

- Beskriuw de persoanen by de namme. Dus net: 'En doe die hy dat.' Dat ropt bygelyks de fraach op: wa is hy? bygelyks. Wês dúdlik! In gearfetting moat foar immen dy't it boek net lêzen hat te begripen wêze.
- De sinnen en alinea's moatte logysk op elkoar oanslute. Yn 'e regel is in gearfetting ½ A4 (lettertype Arial 11 of ferlykber)



3. Eigen miening

Jou mei arguminten dyn miening oer it ferhaal. Wat fûnst moai, aardich, nijsgjirrich, opmerklik, ferrassend, teloarstellend, oangripend, raar, ûnlogysk, wûnderlik ensafuorthinne. Hoe binne de haadpersoanen? Leuk, (ûn)sympatyk, grappich, ferefelend, ensafuorthinne. De argumintaasje is lykwols wichtiger as de miening. Lis dyn miening dúdlik út! Net goed: 'Ik fûn it net in moai boek want ik hâld net fan lêzen.' of 'Ik fûn it in aardich boek mar it wie wol wat saai.'

De eigen miening moat yn alle gefallen op syn minst 2 plussen en 2 minnen oer it boek befetsje.

4. Opdracht lezenvoordelijst.nl of oare opdracht

Ast in boek lêzen op lezenvoordelijst.nl stiet moat der in opdracht fan dy side by dat boek makke wurde.

Opmerkingen:

- Havo: mei twa kear in N1-opdracht meitsje, VWO mei net in opdracht fan nivo 1 by in titel meitsje.
- Wurkje de opdrachten wiidweidich út: hiele sinnen brûke.
- Jou dúdlik oan fan hokker opdracht de útwurking is.
- De opdrachten dêr't fan oanjûn is dat se ornearre binne foar twa- of meertallen, kinne ek troch ien persoan makke wurde.

Stiet it boek net op lezenvoordelijst.nl dan makkest **ien** fan de ûndersteande opdrachten by it boek/teaterfoarstelling.

1. Soest wol/net befreone wêze wolle mei de haadpersoan?
2. Asto ien fan de persoanen yn it boek wiest, wat soesto dan oars dien ha?
3. Skriuw in brief oan in persoan út it boek en fertel watst fan him/har fynst. De útwurking moat der út sjen as in brief.
4. Mei wa hast begrutsjen? Hokker persoan bewûnderest? Wiidweidich motivearje.
5. Meitsje in tekening/strip oer it boek. Skriuw derby oer hokker part fan it boek dyn wurk giet. Jou ek in omskriuwing fan de sitewaasje dy't útbyldest. (Dizze opdracht mei ien kear keazen wurde).
6. Hokker wize les kinst leare fan it ferhaal?
7. Skriuw in oanbefelling oer it boek foar potinsjele lêzers.

Foar alle opdrachten jildt: **wiidweidich omskriuwe en motivearje!** → minimaal 250 wurden.

In pear opmerkingen oer de lêsferslaggen.

- It earste lêsferslach mei yn it Nederlânsk skreaun wurde.
- Foar de oare ferslaggen jildt dat it skriuwen fan in ferslach tagelyk in oefening yn it skriuwen is. Guon learlingen fine it meitsjen fan de lêsferslaggen in protte wurk, mar tink dan datst ek oan dyn skriuwfeardigens wurkest. It mes snijdt oan twa kanten!
- As der tefolle skriuwflaters yn it lêsferslach foarkomme, wurdt it wurk weromjûn en moat earst ferbettere wurde foardat der in sifer op jûn wurdt. Der wurdt rekken holden mei wat der oant dan ta behannele is by it ûnderdiel stavering en grammatika.
- De skriuwflaters yn de lêsferslaggen wurde oanjûn en moatte (digitaal) ferbettere wurde. It 'nije' ferslach sûnder skriuwflaters komt yn it lês- en kultuerdossier.



Ynternetsiden

- www.lezenvoordelijst.nl/fries

Site mei ynformaasje en opdrachten by lêsböeken yndield nei lêsnivo.

- www.dbnl.org

Digitale bibliotek. Op dizze side steane komplette böeken. Ast in boek net fine kinst, dan kin de *digitale Bibliotheek voor Nederlandse letteren* in útkomst wêze.

- www.sirkwy.frl

Oer Sirkwy (dizze ynformaasje komt fan de site)

Sirkwy.frl is de webside fan Tresoar foar dokumintêre ynformaasje oer de Fryske literatuer. De site is online sûnt maart 2017, as twadde ferzje fan in eardere dy't bestie sûnt april 2010.

Jo fine op Sirkwy ynformaasje oer skriuwers, har wurk, wichtige saken oer literêre prizen, de nijferskynde Frysktalige titels en nijs út de literêre wrâld. Tresoar hat net de mooglikheid om in folsleine literêre aginda by te hâlden. Dêrfoar wurdt de brûker trochferwiisd nei (digitale) literêre poadia fan tydskriften, priveepersoanen of facebook.

- www.afuk.frl

is in

De Afûk regelet kursussen Frysk,

boekwinkel, in útjouwerij, fersoarget lesmateriaal en noch folle mear.

- www.frieseliteratuur.nl

Friese

Korte en langere besprekingen van

böeken (Nederlânsktalige site).

- https://fy.wikipedia.org/wiki/Frysktalige_literatuer

- <https://www.fryskeliteratuerskiednis.frl>

In side mei de Fryske literatuerskiednis. Der steane ek opdrachten by de literatuerskiednis op.

- www.demoanne.nl

De Moanne is in algemien-kultureel opinyblêd. It ferskynt op papier en ynternet.

- www.ensafh.nl

Ensafh is in Frysk literêr ynternettydskrift. Ferskynt lykwols ek seis kear yn it jier as printe tydskrift.

- www.dekrantvantoen.nl

- www.fers2.eu

- www.skanomodu.nl
oan

- <https://www.123luisterboek.nl/friestalig>

- www.kffb.nl

Dizze list is net folslein!

Dat is it archief fan de Leeuwarder Courant. Hjir binne bygelyks resinsjes fan boeken/toanielstikken werom te finen. In Amsterdams/Frysk literêr tydskrift.

Y-skrift Skanomodu biedt in poadium

in nije generaasje Friezen dy't har belutsen fiele by en in miening hawwe oer it kulturele en maatskiplike libben yn de provinsje. Der ferskine geregeld bydragen yn ien fan de fjouwer rubriken: literatuer, kultuer, maatskippij en taal&wittenskip.

Site mei in oersjoch fan Frysktalige harkboeken.

De KFFB, de Kristlik Fryske Folks Bibleteek is de iennichste Fryske boekeklub. Wy binne in feriening mei in goed 1000 leden. Wy jouwe alle jierren op syn minst trije boeken út. Al ús boeken binne skreaun yn it Frysk. (ynfomaasje komt fan kffb.nl)

**Sorry dat ik
dit boek zo laat
terugbreng**

**maar het
wilde me maar
niet loslaten**

Loesje

postbus 1045
6801 BA Arnhem

Opdracht Fryske films

Oersjoch fan Fryske films

- De fûke
- Nynke
- De keet (searje)
- De gouden swipe
- De dream
- Bak (aparte opdracht)

Opdracht. Besjoch de film en meitsje in filmferslach.

Filmferslach

1. SAAKLIKE YNFORMAASJE

- a. Skriuw de titel fan de film, it premjêrejier, de filmduer op.
- b. Skriuw de namme fan de regisseur en de haadrolspilers op.
- c. Eventuele oare relevante ynformaasje neame.

2. OBJEKTIVE BESKRIUWING

- a. Beskriuw yn it koart it filmferhaal.
- b. Beskriuw de rollen fan de haadpersoanen.
- c. Beskriuw spylplak(ken), tiidferrin en tempo fan it filmferhaal.

- d. Beskriuw muzykkeuzes, klaaiing, grime, lûd/ljochteffekten.
- e. Beskriuw oare opfallende effekten.

3. SUBJEKTIVE BESKRIUWING

Beoardielje de film, behelje dêr ûnder oare it plot, it ferhaal, it slot yn. Wat fûnst fan it spyljen?

Let op! Sawol positive as negative punten neame.

Karakterisearje en motivearje! Bygelyks: "Ik fûn de film saai, omdat de haadpersoan gjin ûntwikkeling meimakke. Dat makke de film hiel foarspelber."

4. DOEL FAN DE FILM

a. Wat wol de film by it publyk berikke?


Is er om te laitsjen? Is er om in probleem oan de minsken foar te lizzen? Wol er krityk jaan op in maatskiplik ferskynsel? Ferdivedearje? In byld jaan fan in bepaalde perioade út de skiednis/takomst?

b. Wat foar tema('s) hasto yn de film opmurken? Jou byhearrende foarbylden.





DOLBY DIGITAL & DIGITAL SURROUND SOUND



Opdracht oer gedichten (keuze-opdracht)

Dizze opdracht wurdt makke oan de hân fan **Ferstialboekjes (= Fersefariaasje)**.

De fersen yn de boekjes binne ferdielt neffens dregens:

1. Starters de maklikste gedichten, ornearre foar learlingen út de earste klasse fan it fuortset ûnderwiis. Dit binne faaks boartlike, tagonklike ferzen.
2. Trochsetters Ornearre foar learlingen fan de 2^e en 3^e klasse fan it fuortset ûnderwiis. Dizze gedichten binne dreger kwa opbou en tematyk.
3. Toppers Ornearre foar learlingen fan klasse 4 ôf.

Selektearje 10 gedichten mei in ferdieling fan 4, 4, 2.

→ 4 gedichten út de kategory Starters, 4 'Trochsetters' en 2 'Toppers'.

Soargje dat ûnder elk gedicht de namme fan de dichter stiet.

Kopiearje de 10 gedichten.

Skriuw by elk gedicht yn eigen wurden (minimaal 100 wurden/gedicht) op wêr't it oer giet.

Dêrneist in koarte beskriuwing watst fan it gedicht fynst en wêrom ofst it útkeazen hast.

Jimme hoege net allinne de moaiste gedichten út te sykjen. Miskien is/binne der (in) gedicht(e) by dy't jim om in oare reden selektearje.



Ferneamde Friezen út it ferline (keuze-opdracht)

1. Kening Redbad
[5. Redbad en Bonifatius](#)
[Heidevolk - Koning Radboud \(English Subtitles\)](#)
2. Grutte Pier - Pier Gerlofs Donia
[10. Grutte Pier](#)
[Grutte Pier](#)
3. Gysbert Japicx
[16. Gysbert Japicx](#)
[Fryslân DOK: Bouwe oan in taal \(diel 1\)](#)

4. Maria Louise van Hessen - Kassel
[19. Maria Louise van Hessen-Kassel](#)
[Fryslân DOK: Maria Louise, mei de eagen fan no](#)
5. Eise Eisinga
[20. Eise Eisinga](#)
[Franeker 2013 Vroeger & zo school TV Planetarium](#)
6. Piter Jelles Troelstra
[24. Domela en Piter Jelles](#)
[Revolutie van Troelstra | Welkom in de jaren 20 en 30](#)
7. Mata Hari - Margaretha Geertruida Zelle
[26. Margaretha Geertruida Zelle](#)
[Mata Hari - Dancer, Lover, Spy](#)
8. Abe Lenstra
[33. Abe Lenstra](#)
[Hierom was Abe Lenstra zo'n bijzondere sporter | Studio Sport Docu | NOS Sport](#)

Opdracht

Kies in persoan út boppesteande list, ferdjipje dy yn dy persoan en ferwurkje it libben en/of wurk yn in lapbook.

Besjoch yn alle gefallen de filmkes dy't by de persoanen fermeld binne en sykje oare ynformaasje op op ynternet.


In lapbook is in grut fel papier of karton datst iepen- en ticht teare kinst. Oan de boppekant en de binnenkant ferwurkest ynformaasje yn envelopkes, lytse boekjes en achter flapkes. Sa wurdt it in kleurryk gehiel wêrby't de ynformaasje

Hoe makkest in lapbook?

- Nim in dossiermap of in grut stik karton.
- Meitsje d'r in útklapber gehiel fan troch de beide sydkanten nei de midden ta te tearen.

- Jou ynformaasje (skreaun/ôfbyldingen) oer de persoan op de beide foarkanten én yn de binnenkant fan it papier.

Twa foarbylden fan lapbooks




Fryslân Dossier-opdrachten op Searje 36 (keuze-opdracht)

Op Searje 36 (www.searje36.edufrysk.nl) steane 8 opdrachten.

Underwerpen:

- skûtsjesile
- keatse
- fierljeppen
- Fryske bisterassen
- natoer - swiet
- natoer - sâlt
- lânskippen yn Fryslân
- Alvestêdetocht

Meitsje de opdracht by it ûnderwerp op Searje 36.



De stân by in keatspartij wurdt byhâlden op in telegraaf

Aktiviteiten bûten skoalle

Aktiviteiten bûten skoalle ⇒ Doch twa opdrachten bûten skoalle relatearre oan Fryslân en/of it Frysk: iepenloftspul, foarstelling De Lawei/Tryater, museum, ekskurzje, stedskuier ensafuorthinne.

Meitsje in ferslach fan de aktiviteit.

Underdielen:

- algemiene en saaklike gegevens - wa, wat, wêr, wannear, wêrom en hoe.
- foto's
- omskriuwing/achtergrûn ynformaasje

- eigen miening oer de aktiviteit (ynhâldlik) - 2 tips en 2 tops

⇒ Ekskurzje nei Ljouwert - tongersdei 11 maart 2021



Iepenloftspul Oera Linda yn Suwâld - 2019



Einbalâns Fryslândossier

1. Jou in oersjoch fan de boeken/film(s)/opdrachten/aktiviteiten yn it kader fan Fryslânkunde

Titel boek/foarstelling/film/aktiviteit

auteur (eventueel)

1. _____

2. _____

3. _____
4. _____
5. _____
6. _____
7. _____
8. _____
9. _____
10. _____
11. _____

2. Oan hokker boek/foarstelling/film/opdracht/aktiviteit hast de measte wille belibbe?
Motivearje dyn antwurd.

3. Oan hokker boek/foarstelling/film/opdracht/aktiviteit hast de minste wille belibbe?
Motivearje dyn antwurd.

4. Is dyn lêseferdigens feroare nei it lêzen fan de boeken?

- Ja, dy is better wurden.
- Nee, makket gjin ferskil.
- In bytsje, _____
- Oars: _____

5. Is dyn lêseattitude foar Fryske boeken feroare?

- Ja
- Nee
- In bytsje

Motivearje dyn antwurd: _____

6. Silst yn de takomst (ast de tiid der foar hast) oait noch wer in Frysk boek lêze?

- Ja
- Nee
- Mooglik

Motivearje dyn antwurd: _____

7. Is dyn oerdiel oer de Fryslân en de Fryske kultuer ek feroare yn de rin fan de lêste oardel jier?

- Ja
- Nee
- In bytsje

Motivearje dyn antwurd: _____



PTA II - 2020/2021

Literatuer (en Fryslânkunde)



Drachten, augustus 2020

PTA II bestiet út:

1. Taal- en literatuerskiednis (diktaat mei teory)
2. It lêsdossier
3. In útiensetting oer in selskeazen ûnderwerp en dy't oanslút by de boekelist
4. In mûnling yn PTA- perioade II (jannewaris 2021)

It mûnling giet oer:

1. Taal- en literatuerskiednis (wiidweidiger foar vwo as foar Havo) en
2. It lêsdossier

It mûnling wurdt ûnder oare holden oan de hân fan in oersjoch fan boeken/film/foarstelling dêr't in ferslach fan makke is. Sjoch side 10 foar in foarbyld.

Siferbepaling PTA II:

- mûnling	1,0	
- lêsdossier	0,8	
- útiensetting	0,2	(Sjoch rubric op side 9)
	<hr/>	
totaal PTA II	2	/2 = sifer

Let op! De weging fan PTA 2 is 2x. PTA 1 en 3 telle beide 1x mei.

It lêsdossier

Yn it lêsdossier moat de neikommende saken sitte:

- de lêsaubiografy
- de lê-/filmferslaggen en eventueel ferslach fan in foarstelling
- de einbalâns (sjoch taheakke)
- de útiensetting

Soargje derfoar dat it in kreas gehiel is. Der wurdt in beoardieling jûn op de algemiene yndruk fan it dossier.

Let op! Foar de krystfakânsje (woansdei 16 desimber) moat it dossier ynlevere wurde. Soargje dus foar in eigen eksimplaar/kopy dat brûkt wurde kin foar de tarieding.

Tal ferslaggen

Havo:

- minimaal 4 lêsböeken wêrfan minimaal ien fan nivo 3
- ien filmferslach
- (eventueel) ien ferslach fan in foarstelling

Vwo:

- minimaal 6 lêsböeken wêrfan minimaal ien fan nivo 4
- ien filmferslach
- (eventueel) ien ferslach fan in foarstelling
- in koarte eigen beskriuwing/gearfetting ynkomme moat fan in boek dat net lêzen is, mar dy't wol brûkt wurdt foar de útiensetting.


Ynleverdatums lêsferslaggen eksamenklasse

- havo freed 9 oktober 2020
- vwo moandei 28 septimber 2020 en moandei 9 novimber 2020

Foar de ferwurkingsopdracht jilde deselde easken as yn de foareksamenklasse.

Sjoch side 11 en 12 foar fierdere útlis oer de ferwurkingsopdrachten.

Ynleverdatum dossier: woansdei 16 desimber. Persoanlik/fysyk ynleverje by de dosint.



Woansdei 16 desimber 2020

Wurkwize fan it skriuwen fan de útienssetting

In útienssetting is in ynformearjende tekst. It is in objektive tekst dy't feiten en útlis jout oer in bepaald ûnderwerp. Yn in útienssetting jout de skriuwer gjin miening. Mieningen fan oaren wurde neutraal brocht, sûnder de eigen miening te jaan.

In útienssetting hat in fêste opbou. Yn de ynliding wurdt it ûnderwerp jûn. Yn it middenstik wurdt it ûnderwerp útwurke en yn it slot befettet in gearfetting en/of konklúzje.

De útienssetting moat yn de tredde persoan skreaun wurde.

De útienssetting dy't foar dizze PTA-perioade skreaun wurde moat moat oer (guon) boeken gean dy't op de lêslis stean.

Kies earst in ûnderwerp (sjoch it oersjoch mei mooglike ûnderwerpen op side...) en meitsje in oersjoch fan hoe't dat ûnderwerp yn de ferskate boeken foarkomt. Wurkje dat earst út yn it klad.

Yn de ynliding moat it ûnderwerp útlein wurde. Wat ferstiet de auteur (do) ûnder it ûnderwerp? Wat heart der eventueel wol/net by. Eventueel in definysje fan it ûnderwerp op ynternet of in wurdboek opsykje en oernimme.

Yn it middenstik wurde de ferskate boeken keppele oan it ûnderwerp. Mei oare wurde hoe komt it ûnderwerp werom yn it boek. Beskriuw dat dúdlik yn eigen wurden. Hâld derby foar eagen dat de lêzer neat fan de boeken en it ûnderwerp ôfwit.

Yn it slot wurdt der in koarte gearfetting jûn en eventueel in (objektive) konklúzje jûn.

Yn de útienssetting moatte 3 boeken (havo) fan de lêslis ferwurke wurde. Foar vwo jildt 5 lêsböeken wêrfan't ien net op de eigen list stiet. Fan dat boek dat net op de eigen lêslis stiet moat in gearfetting yn it lêsdossier opnommen wurde.

It doel fan de útienssetting:

- Skriuwfeardigens (be)oefenje
- Ferdjipping oanbringe by de literatuerlist
- Oefenje mei it skriuwen fan in útienssetting (moat ek op HBO/universiteit)

Easken útienssetting:

- Tal wurden fan de útienssetting: Havo \pm 550 wurden/vwo \pm 750 wurden
- De útienssetting moat foldwaan oan de easken foar it skriuwen fan in útienssetting (sjoch hjirûnder)

Oer it skriuwen fan in útienssetting

In útienssetting is in objektive tekst dy't ynformaasje jout oer in bepaald ûnderwerp.

Yn in útienssetting wurdt net allinne ynformaasje presintearre, mar dy wurdt ek útlein. Der wurdt ferklearre hoe't it iene ferskynsel mei it oare gearhinget of hoe't yts yn elkoar sit of hoe't yts wurket. Der is gjin plak foar de miening fan de skriuwer.

Om't de skriuwer wol dat de lêzer wat leart bout de skriuwer syn tekst stap foar stap op, meastentiids mei ien dielûnderwerp per alinea.

Foar mear ynformaasje:

- <https://www.cambiumned.nl/theorie/schrijven-en-spreken/schrijven/informerende-teksten-en-uiteenzetting>
- <https://www.youtube.com/watch?v=ZyJ6HloZEmQ>
- <https://www.communicatievogel.com/het-schrijven-van-een-informatieve-tekst>

Of sjoch yn dyn tekstboek fan Nederlânsk.



Acht oandachtspunten foar it skriuwen fan in tekst/ferslach/ûndersyk

1. Meitsje sinnen net te lang/skriuw net alles achter elkoar oan. In sin begjint faak mei it ûnderwerp folge troch de persoansfoarm. In nij ûnderwerp en persoansfoarm betsjut in nije sin.

2. Sinnen begjinne mei in haadletter en einige op in punt/fraachteken. Achter in titel komt gjin punt.

3. Skriuw in tekst altyd yn deselde tiid. Soms mjukset in skriuwer de notiid en de doetiid troch elkoar hinne yn deselde tekst. Dat is net logysk en komt de lêsberebers net ta goede. Skriuw konsistint in tekst yn de deselde tiid (notiid - doetiid).

4. Brûk it leafst sa min mooglik helptiidwurden. Se meitsje in sin ûnnedich lang. Helptiidwurden binne: gean, wêze, sille, hawwe en kinne.

Troch helptiidwurden te mijen oertsjûgje teksten mear en binne se helderder.

Foarbyld:

- Minder: Hy soe nei de stêd fytse kinne.
- Better: Hy fytst nei de stêd.

5. Skriuw formele teksten altyd yn de tredde persoan. De tredde persoan makket in tekst objektyf en leveret in minder persoanlike skriuwstyl op. Dêrtroch komt de skriuwer minder befoaroardiele oer.

Dat jildt foar ferslaggen en ûndersiken. By in fiksjetekst kin de earste persoan krekt hiel noflik oer komme en fielt de lêzer him faak mear belutsen by it ferhaal.

6. Mei de beskriuwing fan in nij ûnderwerp/ûnderdiel begjint in nije alinea.

7. Meitsje in rinnende tekst. Dat betsjut dat de ûnderwerpen logysk yn elkoar oerfloei en wurkje mei sinjaalwurden.

8. Soargje foar in orzjinele, pakkende titel.



Mooglike ûnderwerpen foar de útiensetting:

- Hoe komt geweld foar yn Fryske boeken? En is dat oars as by Nederlânske boeken?
- Hokker freonskippen komme der foar yn Fryske boeken?
- (leafdes)relaasjes - Hokker (leafdes)relaasjes komme foar yn Fryske boeken?
- lânskip/omjouwing - Hoe wurdt it Fryske lânskip beskreaun yn Fryske boeken?
- Fryslân: omjouwing - Hoe komt Fryslân werom yn de boeken?
- oarloch - Hoe wurdt WO II beskreaun yn Fryske boeken?
- famylje - Spylje famylje's in (wichtige) rol yn de boeken? En hoe dan?
- de dea - Hoe komt de dea foar yn de boeken?
- De takomst (fan de Fryske literatuer)
- skiednis - Hokker aspekten fan de (Fryske) skiednis komme werom yn de boeken?
- de Fryske taal - Hoe wurdt de Fryske taal brûkt yn de boeken (âlderwetsk/sprektaal)?
- leeftiid en/of gedrach fan personaazjes - Wat binne opfallende saken?
- Wat kinst leare fan de ferskate boeken? Wat is de boadskip fan de boeken?
- Hoe komt de Fryske kultuer ta utering yn de boeken?
- Kinne de boeken harren ek bûten Fryslân ôfspylje?
- Humor - Sit der humor yn de boeken? Hoe dan?
- Spanning - Sit der spanning en avontuer yn de boeken? Hoe dan?
- ...

 Geestelijk leven	 Wetenschap en Techniek
 Religie	 Computers
 Lichaam en Gezondheid	 Verkeer en vervoer
 Eten en drinken	 Natuur en Milieu
 Uiterlijk	 Dieren
 Opvoeding en onderwijs	 Landen en Volken
 Huis en tuin	 Nederland
 Feesten	 Geschiedenis
 Hobby's	 Beeldende kunst
 Sport en Spel	 Schrijvers en boeken
 Mens en maatschappij	 Theater en film
 Bedrijf en beroep	 Muziek
 Communicatie	 Sprookjes en volksverhalen
	 Gedichten en versjes

Noch mear mooglikheden foar in ûnderwerp

Planning (tariedich)

Komt noch.

Groepsyndieling PTA 2

Komt noch.

It doel fan de groepkes:

- mekoar helpe by it skriuwen fan de tekst
- de útiensettinge fan mekoar lêze en korrinearje
- ynformaasje jaan oan mekoar oer boeken dy't immen net lêzen hat.

Eask vwo: vwo-learlingen moatte ien lêsboek ferwurkje yn de útiensetting dy't net op de eigen lêslist foarkomme.

Fan dat boek moat der in koarte beskriuwing yn it lêsdossier komme (1/3 A-4).



Rubric útiensetting

	1	2	3	4	5
1. It brûken fan de Fryske taal					
A. Stavering	0	0	0	0	0
B. Tiidwurden	0	0	0	0	0
C. Fryske taal en ynterferinsjes	0	0	0	0	0
2. Kenmerken fan in útiensetting	0	0	0	0	0
3. Ynhâld (telt 2x mei)	0	0	0	0	0
4. Dúdlikens en lêsbereans	0	0	0	0	0

Totaal: _____ : 3,5 = _____

Puntetakenning:

- Maksimale skoare: 35 punten;
- Der kinne ek heale punten jûn wurde.

Foar vwo binne de easken stenger as foar havo.

FOARBYLD

PTA II – Literatuer –

Mûnling: 10 jannewaris 2019

	1	2	3	4	5	6	Sifer
1. Doarp Europa Ira Judkovskaja	0	0	0	0	0	0	6,5
2. Oar plak oare tiid Jetske Bilker	0	0	0	0	0	0	6,5
3. Wolken fan wol Lida Dykstra	0	0	0	0	0	0	7,0
4. Bak Sietse de Vries	0	0	0	0	0	0	7,0
5. Froulju fan de fetweider Douwe H. Kiestra	0	0	0	0	0	0	7,0
6. Paadwizer Eelkje Tuma	0	0	0	0	0	0	7,0
7. Foarstelling Caja Cazemier	0	0	0	0	0	0	7,0

Algemeene yndruk dossier: 1 - 2 - 3 - 4 - 5 - 6 - 7 - 8 - 9 - 10

SIFER lêsdossier: 6,9

Literatuerskiednis 0 0 0 0 0 0

SIFER Mûnling: _____

T. Veenstra

A. Wallinga

Ferwurkingsopdrachten by lêsböeken

In ferwurkingsopdracht moat bestean út:

- in titelpagina
- in gearfetting fan it boek
- de eigen miening oer it boek (plus- en minpunten);
- ien opdracht fan Lezenvoordelijst.nl of in oare ferwurkingsopdracht (sjoch fierder dizze paragraaf).

1. De titelpagina

De titelpagina moat bestean út de titel fan it boek, in ôfbylding mei titel boek en namme auteur en in blokje persoanlike gegevens ûnder de ôfbylding.

→ blokje

Namme:

Datum:

2. In gearfetting

In gearfetting is in koarte werjefte yn eigen wurden fan de oarspronklike tekst.

In pear tips:

Begjin in gearfetting mei de titel en de auteur fan it boek.

De wichtichste tarieding foar it skriuwen fan in gearfetting is de tekst goed begripe en neifertelle kinne.

Hâld de haadsaken oan: wêr draait it boek yn earste ynstânsje om?

Beskriuw de persoanen by de namme. Dus net: 'En doe die hy dat.' Dat ropt bygelyks de fraach op: wa is hy? bygelyks. Wês dúdlik! In gearfetting moat foar immen dy't it boek net lêzen hat te begripen wêze.

De sinnen en alinea's moatte logysk op elkoar oanslute. Dat betsjut datst de ynformaasje net perfoarst yn de folchoarder hoechst stean te litten as yn it boek.

Soargje foar in ynlieding, kearn en slot.

Soargje foar korrekte ynterpunksje.

Der is gjin regel foar de lingte fan in gearfetting. De ynhâld is wichtiger as de lingte fan de gearfetting. Yn 'e regel is in gearfetting minimaal ien A4 (lettertype arial 11 of ferlykber)

3. Eigen miening

Jou mei arguminten dyn miening oer it ferhaal. Wat fûnst moai, aardich, nijsgjirrich, opmerklik, ferrassend, teloarstellend, oangripend, raar, ûnlogysk, wûnderlik ensafuorthinne.

De argumintaasje is lykwols wichtiger as de miening. Lis dyn miening dúdlik út!

Net goed: 'Ik fûn it net in moai boek want ik hâld net fan lêzen.' of 'Ik fûn it in aardich boek mar it wie wol wat saai.'

4. Opdracht lezenvoordelijst.nl of oare opdracht

Ast in boek lêzen hast dat op lezenvoordelijst.nl stiet makkest in opdracht fan dy side by dat boek.

Opmerkingen:

Gjin opdrachten fan it leechste nivo by dat boek meitsje.

Wurkje de opdrachten wiidweidich út: hiele sinnen brûke.

Jou dúdlik oan fan hokker opdracht de útwurking is.

De opdrachten dêr't fan oanjûn is dat se ornearre binne foar twa- of meertallen, kinne ek troch ien persoan makke wurde.

Stiet it boek net op lezenvoordelijst.nl dan makkest **ien** fan de ûndersteande opdrachten by it boek/teaterfoarstelling.

1. Soest wol/net befreone wêze wolle mei de haadpersoan?
2. Asto ien fan de persoanen yn it boek wiest, wat soesto dan oars dien ha?
3. Skriuw in brief oan in persoan út it boek en fertel watst fan him/har fynst. De útwurking moat der út sjen as in brief.
4. Mei wa hast begrutsjen? Hokker persoan bewûnderest? Wiidweidich motivearje.
5. Meitsje in tekening/strip oer it boek. Skriuw derby oer hokker part fan it boek dyn wurk giet. Jou ek in omskriuwing fan de sitewaasje dy'st útbyldest.
(Dizze opdracht mei ien kear keazen wurde).
6. Hokker wize les kinst leare fan it ferhaal?
7. Skriuw in oanbefelling oer it boek foar potinsjele lêzers.

Foar alle opdrachten jildt: wiidweidich omskriuwe en motivearje! → minimaal 250 wurden.

Einbalâns lêsdossier

1. Hokker boeken hast lêzen of foarstelling/film hast sjoen?

	Titel boek/foarstelling/film	auteur
1.	_____	_____
2.	_____	_____
3.	_____	_____
4.	_____	_____
5.	_____	_____
6.	_____	_____
7.	_____	_____
8.	_____	_____

2. Oan hokker boek/foarstelling/film hast de measte wille belibbe? Motivearje dyn antwurd.

3. Oan hokker boek/foarstelling/film hast de minste wille belibbe? Motivearje dyn antwurd.

4. Is dyn lêsfeardigens feroare nei it lêzen fan de boeken?

- Ja, dy is better wurden.
- Nee, makket gjin ferskil.
- In bytsje, _____
- Oars: _____

5. Is dyn lêssattitude foar Fryske boeken feroare?

- Ja
- Nee
- In bytsje

Motivearje dyn antwurd: _____

6. Silst yn de takomst (ast de tiid der foar hast) oait noch wer in Frysk boek lêze?

- Ja
- Nee
- Mooglik

Motivearje dyn antwurd: _____

Rubric refleksje 1

Namme: _____

Kritearia	1 punt (ûnfoldwaande)	2 punten (kin better/foldwaande)	3 punten (foldocht oan de easken, foldwaande)	4 punten (prima, neat op oan te merken)	tal punten
1. Stavering, tiidwurden en ynterferinsjes (telt 2x mei)	It brûken fan de Fryske taal is ûnfoldwaande.	De refleksje befettet steurende taalflaters.	De refleksje befettet in akseptabel tal taalflaters. Der sitte in pear flaters yn it brûken fan de tiidwurden.	De refleksje befettet amper/gjin taalflaters. De tiidwurden wurde goed brûkt,	
2. De refleksje (tekst)	De refleksje is ûnfollein en is gjin goed rinnend ferhaal. De lêzer bliuwt mei fragen sitten.	De refleksje is oan de koarte kant, mar is reedlik follein. De opbou fan de refleksje kin better.	De opbou en útwurking fan de refleksje is yn oarder.	De refleksje is in wiidweidich en goed rinnend ferhaal. De opbou is goed. De lêzer bliuwt net mei fragen sitten.	
3. Persoanlike refleksje	De learling fan gjin goed byld fan him-/harsels en kin dat byld ek net goed ferwurdzje.	De learling hat in aardich goed byld fan him-/harsels, mar kin dat matich ferwurdzje.	De learling hat in goed byld fan him-/harsels en kin dat reedlik goed ferwurdzje.	De learling hat in goed byld fan him-/harsels en kin dat helder ferwurdzje.	
4. Sjen nei de takomst	De learling jout net oan wat er yn it ferfolch oars/better dwaan kin. Oplossingen wurde net oandroegen.	De omskriuwing fan de eigen nabije takomst ropt fragen op. Oanpassingen foar it ferfolch binne net dúdlik.	De omskriuwing fan de eigen nabije takomst is fierhinne dúdlik. Der wurde in tal oanpassingen/oplossingen jûn.	De learling wit goed te omskriuwen wat der yn de nabije takomst oars/better moat/kin. De learling komt mei oplossingen foar saken dy't oars/better kinne/moatte.	


- Puntetakenning:
- Maksimale skoare: 20 punten;
 - Der kinne ek heale punten jûn wurde;

- It sifer is de skoare dield troch twa.

Sifer: _____

DIKTAAT Oersetse

5H/6V



2020 – 2021

Drachten, augustus 2020

Oer oersetse

Oersetse is mear as allinne wurdsjes fertale fan de iene nei de oare taal. Sa kin it wêze dat bepaalde wurden net oer te setten binne fan de iene nei de oare taal. Tink bygelyks oan it Fryske wurd 'smûk'. Dat is hiel dreech oer te setten nei it Nederlânsk. Utdrukkingen binne faak ek dreech te fertalen en moat der rekken holden wurde mei de regels en eigenaardichheden fan in taal.

By it oersetten fan langere teksten is it wichtich dat de toan en de sfear fan de tekst goed werjûn wurdt.

In foarbyld

Ast de sin *Zij zat elke avond om acht uur de krant te lezen* oersetst yn it Frysk, dan soest dat sa dwaan kinne: Sy siet alle jûnen om 8 oere de krante te lêzen.

In eigenaardichheid fan it Frysk is, dat *zat de krant te lezen* yn ien tiidwurd werjûn wurde kin: krantsje.

De oersetting kin dus ek wêze:

1. Sy siet alle jûnen om 8 oere te krantsjen.
of
2. Sy krante alle jûnen om 8 oere.
of
3. Sy siet alle jûnen om 8 oere te krantlêzen.



**LET
OP!**

**FRYSK ≠ oerset
nederlânsk**

⇒ It Frysk hat in eigen stavering, grammatika en in eigen fokabulêr!

Oer it PTA:

- Krijst op it PTA in tekst en losse sinnen (havo 12 en vwo 15 sinnen) om oer te setten. By de tekst meist in wurdboek N – F brûke. Dêr wurdt foar soarge.
- It wurk wurdt beoardield oan de hân fan rubrics. Sjoch taheakke.
- Ast der echt hiele drege wurden yn de opgaven steane, dan wurde dy jûn.
- Set getallen net oer. Wol as se útskreaun binne. Dus wol *tweeëntwintig* (= twaëntweintich), mar net 20.
- Nammen wurde yn de regel net oerset.
- Ingelske wurden: wurden dy't al ynboargere binne, bygelyks 'kompjûter' wol oersetse. Nije Ingelske wurden stean litte, bygelyks 'gameboyrug'.
- As der mear as ien tiidwurd oan de ein fan in sin stiet, dan alle tiidwurden oersetse. Steane der twa tiidwurden, dan ek twa tiidwurden oersetse. Steane der trije tiidwurden, dan ek alle trije tiidwurden oersetse.

⇒ De taryeding foar it PTA bestiet út it konsekwint meitsjen en neisjen fan it hús wurk. Ast it hús wurk goed byhâldst en serius neisjocht, moat it PTA goed te meitsjen wêze.

(STRUCTUUR + INZET) × ENTHOUSIASME

=

WINST

Helpmiddels:

- wurdboeken (foar it PTA sil foar wurdboeken soarge wurde).
- <https://taalweb.frl/wurdboekportaal> (Sjoch ôfbylding hjirûnder).

The screenshot shows a web browser window with several tabs open. The active tab is 'taalweb.frl/wurdboekportaal'. The website header features the 'TAALWEB FRYSK' logo and a navigation menu with items: 'Foarkarswurdlist', 'Staveringshifker', 'Oersetter', 'Wurdboekportaal', 'Downloads', and 'Paadwizer'. The main content area is titled 'Wurdboekportaal' and contains a search bar with the text 'Sykje nei in wurd', a 'Sykje' button, and a 'Nije sykopdracht' button. On the left, there is a 'Sykopsjes' sidebar with filters for 'Taal' (Frysk, Nederlânsk) and 'Filterje' (Lemma, Oersettingen, Betsjutting). A link 'Mear sykmooglikheden' is also present. The browser's address bar shows 'https://taalweb.frl' and the system tray at the bottom indicates 'NLD' and '13:42'.



Foar de útlis fan de stavering en grammatika fan it Frysk, besjoch de filmkes op it Youtube-kanaal Fryske útlis filmkes. Oan de ein fan diktaat fynst in oersjoch fan de ûnderwerpen fan de filmkes.

Link: [Fryske útlisfilmkes](#)



Brûk gjin Google translate!

Opbou fan it diktaat

De ynhâld fan dit diktaat bestiet út neikommende ûnderdielen:

1. Werhelling stavering en grammatika
2. Fryskeigen
3. Ynterferinsjes dy't in protte foarkomme
4. Oersetsinnen
5. Teksten om oer te setten
6. Oefen PTA's

Domeinen:

PTA I befettet domein C en E (foarbylden jaan fan taalferoarings en ynterferinsjes).

Werkânsing: ferlykber PTA/tintamen/SE

HERKANSEN

**SOMS MOET JE
IETS NOG EEN
KEER DOEN**

**VOOR JE
SUCCESVOL KUNT
ZIJN**

Loesje

Haadstik 1. Grammatika

1.1a. Bynwurden of, oft en as

It wurd seit it al, in bynwurd (Ned.: voegwoord) ferbynt twa sinnen mei-inoar. Der binne hiel wat fan sokke wurden, bygelyks wylst, sadree't, om't, foar't, want, mar, en, omreden, lykas ensafuorthinne.

Of, oft en *as* binne ek bynwurden, mar wurde gauris trochinoar helle.

- a. Wy brûke *of* as yn it Nederlânsk 'één van beide' of yn it Ingelsk *or* sein wurdt, bygelyks:
 - It moat by him altyd bûge *of* barste.
 - Hy giet fuort *of* hy komt thús.
 - It sil reine *of* storeine.

- b. Wy brûke *oft* as yn it Nederlânsk *of/indien* sein wurde kin of yn it Ingelsk *if*, bygelyks:
 - Hy freget, *oft* se komme wolle.
 - Ik wit net, *oft* it wol wier is.
 - Hy frege my, *oft* ik ek mei woe.

- c. Wy brûke *as* foar it Nederlânsk *als* en *dan*, bygelyks:
 - Do moatst komme *as* it tiid is.
 - It is sa dúdlik *as* it mar kin.
 - Jan is grutter *as* Pyt.

Opdracht. Folje yn: *oft, of, as*

1. De learaar frege, _____ dat ferhaal wol wier wie.
2. _____ de saak der sa hinne leit, sjoch ik der mar fan ôf.
3. Moarn _____ oaremoarn kinne wy dien, _____ it waar sa bliuwt.
4. Ik freegje my ôf, _____ wy dat mei him _____ mei syn frou beprate moatte.
5. Wolst deryn _____ derút?
6. Ik frege him _____ er ek mei woe.
7. Hy wist net mear, _____ de foarstelling yn Snits wie _____ yn Drylst.
8. Hy twivele, _____ er wol oerstekke soe.

1.1b. Bynwurden wêr't en dêr't

Foarbylden:

- It doarpke dêr't ik berne bin,
- Hy frege my, wêr't ik wei kaam.

Dêr't wurdt brûkt as it betrekking hat op eat dat earder neamd is.

Wêr't brûke wy as der frege wurdt nei in plak.

Yn in sintsje as 'het water waarin hij vist' brûke wy yn it Frysk foar 'waarin' net *wêr't* of *wêryn't*, mar: it wetter *dêr't* er yn fisket.

Twa saken falle op:

- a. Ynstee fan *waar* brûkt it Frysk *dêr't*.
- b. It twadde part, it ferhâldingswurd (= voorzetsel), stiet op in oar plak fierderop yn de sin, nammentlik flak foar it tiidwurd.

Yn in sin as 'Hij vraagt zich af waarin zij vissen' moat yn it Frysk *wêr't ... yn* brûkt wurde.

Oersetting: Hy freget him ôf wêr't sy yn fiskje.

As it sa is dat it in oanwizende betsjutting hat, wurdt *dêr't* brûkt. Hat it in freegjende betsjutting dan *wêr't*.

Opdracht. Folje yn wêr't of dêr't

1. Ik soe net witte, _____ ik dat oan te tankjen ha.
2. _____ wy yn 'e fakânsje hinne sille, is noch net wis.
3. Mar de camping _____ wy ferline jier west ha, hat ús net sa bêst foldien.
4. Wy sykje no in plakje op _____ wy gelegenheid hawwe te swimmen en te silen.
5. Do meist de hûn _____ jim heit sa wiis mei is, net narje.
6. Wy begripe net _____ er dat ferhaal wei hat.
7. It wurk _____ mei begûn bist, moatst ek dien meitsje.
8. _____ ek hinne giest, oeral is wol wat te rêden.

1.2. Besitlike foarnamwurden

Net allinne it oars brûken fan it besitlik foarnamwurd, ek it weilitten der fan is ien fan de ferskillen tusken Frysk en Nederlânsk. Faak is it sa as it in part fan it minsklik lichem oanbelanget. Sa wurdt *ik heb mijn hoofd gestoten* yn it Frysk 'ik ha (my) de holle stompt'. It wurdje 'my' wurdt dan faak yn de sin set.

Opdracht. Ferbetterje neikommende sinnen.

1. Mei it fuotbaljen hat hy syn rjochter skonk brutsen. _____
2. Syn ankel is ek hielendal opset. _____
3. Moarn sil ús buorman mei syn frou nei syn bern yn Kanada. _____
4. Dêr komme Wytke en har man al oan. _____
5. Moatst Hindrik net fertrouwe, hy hat se efter syn earmtakke. _____



1.3. folle – in soad / in protte (ûnbepaalde telwurden)

It Nederlânske *weinig* wurdt yn it Frysk omskreaun mei: net folle, in bytsje, net in soad.

Bygelyks:

- Ik ha der in bytsje sin oan.
- Ik ha der net folle fan ferstien.

It Nederlânsk *veel* kin yn it Frysk net altyd oerset wurde mei folle.

Folle kin allinne brûkt wurde:

- yn kombinaasje mei 'te': Der wienen tefolle minsken.
- yn kombinaasje mei 'sa': Safolle jild ha ik net by my.
- yn kombinaasje mei 'hoe': Hoefolle minsken wienen dêr?
- nei 'te' (ek as dat op in oar plak yn de sin stiet): Ik ha der net folle sin oan. Folle minsken wienen der net.
- foar in fergrutsjende trep: folle grutter.

Foar haadwurden wurdt folle net brûkt. Bygelyks:

Er waren veel mensen – Der wienen in protte minsken.

Der is lykwols ien útsûndering: Folle lok en seine!

Is it in negaasje dan kin it dus wol: Der wienen net folle minsken.

Opdracht. Set de neikommende sinnen oer nei it Frysk

1. *Er waren maar weinig toeschouwers.* _____

2. *Het is te druk, er zijn veel te veel mensen.*

3. *Hij heeft al veel prijzen gewonnen.* _____

1.4. Persoanlike foarnamwurden

De persoanlike foarnamwurden yn it Frysk binne:

mei klam	sûnder klam	foarwerpsfoarm
ik	'k	my
do	-sto, -ste, -st	dy
hy	er	him
sy	se	har
it	't	him
wy	we	ús
jimme	jim	jimme
hja/sy	se	har(ren)
jo	jo	jo

- De net beklamme tredde persoan manlik er kin allinne mar brûkt wurde nei in tiidwurd of in ferbiningswurd.
Bygelyks:
 - Dêr komt er oan.
 - Hy wit dat er it moarn net oan tiid hat.
- Yn it Frysk komt gauris de flater foar dat er = hy en der = er trochinoar helle wurde. Goed Frysk: Hy sei dat er der gjin nocht oan hie. Er = *ie* en der = *er*.
- Komt it persoanlik foarnamwurd do efter in tiidwurd of ferbiningswurd, dan wurdt de o deroan fêst skreaun en ferdwynt de d. De o kin ôfswakje ta e of sels hielendal ferdwine.
Bygelyks:
 - Hasto him sjoen?
 - Haste him sjoen?
 - Hast him sjoen?
- It Nederlânske 'zich' is net in Frysk wurd en mei NOAIT (!) brûkt wurde, it wurdt him of har, bygelyks: hy/syasket him/har.
- Hat ien it oer bygelyks syn heit of mem, dan wurdt de meartalsfoarm fan it persoanlik foarnamwurd brûkt: ús heit en mem. By bern, bruorren en susters wurdt ek ús en de foarnamme brûkt, bygelyks ús Klaas. Let op!
Uze wurdt wol sein, mar is oerset Nederlânsk en kin der yn it Frysk net op troch.

Opdracht a. Set de neikommende sintsjes oer

1. *Komt ie vanavond ook?* _____
2. *Hij zou zich moeten schamen.* _____

3. *Heb je lekker geslapen?* _____

4. *Mijn broer Riens gaat op de brommer naar school.*

Opdracht b. Folje yn er of der


1. _____ wurdt sein, dat _____ neat oan dwaan koe.

2. Hat _____ net oer praat?

3. Of soe _____ him _____ foar skamje?

4. Doe't _____ sei, dat _____ noch ris oer neitinke woe, wist ik dat _____ him _____ ôfmeitsje woe.

5. _____ binne guon, sei _____ dy't noait tefreden binne.



De iisbear skammet him

1.5. Betreklige foarnamwurden

Betreklige foarnamwurden binne wurden dy't betrekking ha op in foarôfgeand wurd of in foarôfgeande sin. Yn it Frysk ha wy de wurden dy't, dat, wa't en wat. Se komme oerien mei *die*, *dat*, *wie* en *wat*.

Dy't wurdt brûkt by de-wurden → De man dy't dêr rint, is ús heit.

Dat wurdt brûkt by it-wurden → It boek dat ik lêzen ha, leit dêr.

Wa't wurdt brûkt nei in ferhâldingswurd (= *voorzetsel*).

→ De man fan wa't ik dat hearde, seit net de wierheid.

Wat wurdt brûkt nei in hiele sin.

→ Hy is slagge foar syn eksamen, wat my neat ôffoel.

Dy't en wa't binne foarmen mei in 't (in oerbliuwsel fan 'dat').

Opdracht 1. Set in streek ûnder it goede antwurd.

1. De blommen, dy't / dat ik yn de faas set haw, binne read.
2. It fûgeltsje, dy't / dat sjongt, is in klyster (= *lijster*).
3. De kat is fuortrûn, wa't / wat ik wol tocht hie.
4. Sytske, foar wa't / wat ik ynfallen bin, is no wer better.

Opdracht 2. Set de wurdjes tusken heakjes oer.

1. De frou (*die*) _____ de lessen jout, is siik.
2. Freegje it mar oan (*die*) _____ man.
3. (*Wie*) _____ wit de antwurden noch?
4. De minsken (*die*) _____ dat dogge, moatte it sels mar witte.
5. (*Wie*) _____ it kin, mei it sels dwaan.
6. (*Die*) _____ jonge hat in priis wûn mei keatsen.
7. Oan (*wie*) _____ sil ik de fraach stelle?
8. Foar (*wie*) _____ net kofje mei, is der tee.

1.6. Tiidwurden: gean en bliuwe

1. Gean

Yn it Nederlânsk kinst sizze:

- *Ik ga liggen.*
- *Het gaat regenen.*
- *Gaan jullie fietsen?*
- *Mijn zusje gaat volgende week trouwen.*

Yn it Frysk kin dat net. It tiidwurd 'gean' kin mar mei fjouwer oare tiidwurden ferbûn wurde: lizze, sitte, stean en hingje. Dat binne tiidwurden dy't in lichemshâlding oantsjutte.

Bygelyks:

- Hy giet eefkes op de bank sitten.
- Sy gong sitten.
- Jim gean stean, dan kinne wy sitte.
- Hy gong oan it klimrek hingjen.

In alle oare gefallen kin 'gean' net samar brûkt wurde en moat der in oare oplossing fûn wurde.

1. Troch 'gean' fuort te litten.
Bygelyks: *Ik ga een kopje koffie zetten* – Ik set in bakje kofje.
2. Troch it tiidwurd 'sille' te brûken.
Bygelyks: *Ik ga een kopje koffie zetten* – Ik sil in bakje kofje sette.
3. Troch 'te' te brûken.
Bygelyks: *Ik ga fietsen* – Ik sil te fytsen.
4. Troch it tiidwurd 'wolle' te brûken.
Bygelyks: *Het gaat regenen* – It wol reine.
5. Troch it tiidwurd 'begjinne' te brûken.
Bygelyks: *Ik ga afwassen* – Ik begjin mei ôfwaskjen.

Noch twa opmerkings:

- *Het gaat zo niet langer* – It kin sa net lange/Sa kin 't net langer.
- *Hoe gaat het ermee?* – Hoe is 't dermei?

2. Bliuwe

Foar 'bliuwe' jildt ek dat it mei deselde tiidwurden as by 'gean' ferbûn wurde kin. Mar 'bliuwe' kin ek noch ferbûn wurde mei 'wenje' en 'stykje' (*vastzitten, ergens blijven zitten*).

Bygelyks:

- Wy bliuwe hjir wenjen, it foldocht ús goed.
- Wy bleaunen yn in sniestoarm stykjen.

Yn alle oare gefallen kin 'bliuwe' net samar brûkt wurde en moat der in oare oplossing fûn wurde.

1. Troch 'bliuwe' fuort te litten.

Bygelyks: *Ik blijf je helpen* – Ik help dy fierder.

2. Te of oan it ta te foegjen.

Bygelyks: *Ik blijf nog een uurtje timmeren* – Ik bliuw noch in oerke te timmerjen.

Of: Ik bliuw noch in oerke oan it timmerjen.

Of: Ik timmerje noch in oerke troch.

3. Troch troch of hâldt (mar) oan te brûken.

Bygelyks: *Het blijft maar regenen* – It reint mar troch of It hâldt (mar) oan mei reinen.



Opdracht. Yn ûndersteande sinnen sitte flaters. Meitsje der goede Fryske sinnen fan.

1. Om tolve oere geane wy iten.

2. Bliuwsto ek iten?

3. It giet snijen, moatst mar ris nei de loft sjen.

4. It bleau de hiele dei reinen.

5. Nei skoaltiid gongen de bern reedriden.

6. Wat bliuwt hy lang trenen.

7. Geane jim no noch fytsen?



1.7. Tiidwurden: de –n efter de ynfinityf

Fryske tiidwurden eindigje op –e, útsein dwaan, jaan, gean, stean, sjen, slaan en tsjen.

Yn guon gefallen krijt de ynfinityf in –n taheakke.

De twa wichtichste regels binne:

1. Nei it wurdsje ‘te’.
→Wy sille in eintsje te fytsen en Wy geane te fytsen.
2. As in tiidwurd as haadwurd (= *zelfstandig naamwoord*) brûkt wurdt.
→It drinken stiet al klear en praten hâld ik net fan.

Noch twa gefallen:

3. By kombinaasje mei tiidwurden dy’t in sintúchlike waarnimming oanjouwe krijt de ynfinityf ek in –n. Bygelyks: hearre, sjen, fiele en leare.

- Ik hearde dy wol oankommen.
- Do hast him wol fytsen sjoen.
- Ik fielde it al oankommen.

4. De tiidwurden lizze, sitte en hingje yn kombinaasje mei gean en bliuwe krije ek in –n. De kombinaasje fan wenje en stykje mei bliuwe leveret ek in –n op.

- Hy moat lizzen gean.
- Bliuw lizzen, ik gean der wol hinne.
- Kinst wol eefkes sitten gean.
- Ik bliuw hjir wenjen.
- De auto bleau stykjen yn de modder.

Opdracht. Set in streek ûnder de goede foarm.

1. Moarns betiid begjint it al te reine / reinen.
2. It ite / iten smakket my mar wer bêst.
3. Se learden inoar kenne / kennen yn de oarloch.
4. Sy meie hjir wol langer wenje / wenjen bliuwe.
5. Us dochter bliuwt yn Ljouwert wenje / wenjen.
6. Komt er der al oanfytse / oanfytsen?
7. Om alle dagen de krante te lêze / lêzen spant my tige yn.
8. Se fiede de kat by har fuotten lâns strike / striken.



1.8. Tiidwurden: de folchoarder fan de tiidwurden yn in haadsin en yn in bysin

1. De tiidwurdgroep yn de haadsin

De groep fan tiidwurden oan de ein fan de haadsin of bysin neame wy de tiidwurdgroep; dy bestiet dus út in kearntiidwurd plus eventueel tafoege helptiidwurd(en).

Yn it Nederlânsk en it Frysk is de folchoarder yn de tiidwurdgroep net gelyk.

Haadregel:

Yn in tiidwurdgroep oan 'e ein fan in haadsin binne de Fryske en de Nederlânske folchoarder presys oan mekoar spegele.

In gefolch fan dat prinsipe is dat yn it Frysk it kearntiidwurd foar oan stiet en yn it Nederlânsk efteroan.

Trije foarbylden:

- Hy hat de hiele middei leare moatten.
- *Hij heeft de hele middag moeten leren.*

- Ik moast har dochs ynhelje kinne.
- *Ik moest haar toch kunnen inhalen.*

- Ik hie dêr stean bliuwe moatten.
- *Ik had daar moeten blijven staan.*

2. De tiidwurdgroep yn de bysin

Haadregel foar tiidwurdgroep yn de bysin:

De folchoarder yn it Frysk is de spiegeling fan dy yn it Nederlânsk.

De regels foar it Frysk yn ferliking mei it Nederlânsk binne:

- yn de bysin stiet de persoansfoarm altiten efteroan (de frijheid dy't it Nederlânsk hat by *gedaan heeft/heeft gedaan* hat it Frysk net);
- as der te + ynfinityf yn de sin stiet, komt dat as regel efter de persoansfoarm;
- yn it Nederlânsk wurdt, as in helptiidwurd yn de folsleine tiid komt te stean, net it mulwurd, mar de ynfinityf: it Frysk brûkt dêr wol in mulwurd: *hij heeft kunnen komen* – hy hat komme kinnen;
- de Fryske folchoarder is de spiegeling fan de Nederlânske, dêrtroch stiet yn it Frysk it kearntiidwurd altiten foar oan yn de tiidwurdgroep.

Trije foarbylden:

- Hy sei, dat er it net ferstean kinnen hie.
- *Hij zei, dat hij het niet had kunnen verstaan.*

- Se tochten dat heit en mem al fuortgien wiene.
- *Ze dachten dat pa en moe al weggegaan waren of ... waren weggegaan.*

- Ik miende dat ik dêr sitten bliuwe moatten hie.
- *Ik meende dat ik daar had moeten blijven zitten.*

Opdracht 1. Skriuw de sinnen **hielendal** oer en ferbetterje de tiidwurdflaters.

1. Ik bin der wis fan datsto dat kinst dwaan.

2. Ik wit net oft ik dat wol wol dwaan.

3. Hasto heard dat er nije wike sil komme?

4. Ik wit net hoe't er dêr is bedarre.

5. Ik wit net hoe't er dat hat dien...

6. ... mar ik fyn it hiel bysûnder dat it is slagge!

7. Fine jim ek dat Iris Kroes sa goed kin sjonge?

8. Witst dat se yn Noard-Dútslân in fariant fan it Frysk kinne prate?

9. Hy wit net oft syn freondinne mei dat kadootsje no wol sa wiis soe wêze.

10. Ik ha him juster noch frege oft er no wol soe meidwaan.

11. Hy sei dat it wol soe slagje.

12. Soesto dy fytsen dêr even wolle delsette?

13. Soe er hjir miskien ek hinne kinne komme?

14. Hy sil alle dagen moatte traine om sa sterk te wurden.

15. Se wol earst in boutekening litte meitsje.

16. Ik soe wol wolle witte wêr't se úthinget!

17. "Kinst him net sa litte krepearje!" ,sei se.

18. "Soene jim no ien kear ris goed wolle harkje!" sei de dosinte Frysk.

19. Ast safolle fertsjinje hiest wollen ...

20. ... dan hiest mar in fak moatte leare!

21. It skûtsje D'Halve Maen sil goed syn bêst moatte dwaan...

22. ... om it skûtsjesilen noch te kinne winnen.

23. Soe Google Translate yn it Frysk ek sa folle flaters kinne meitsje?

24. Ik bin bliid datst my hjoed even hast kinne helpe.

25. Soest my moarn ek eefkes wolle helpe?

Oersjoch fan de flaters dy't in protte makke wurde

1. er en der

2. *Het einde van de straat...*

3. *elke vrijdag, elk jaar, elke week*

4. *samen*

5. *dê't en wê't*

6. Nei 'it' en 'te' kriget it neikommende tiidwurd -n

7. *geven* - it tiidwurd 'jaan'

8. De soldaten-regel

9. *een poosje*

10. *verder en eerder*

11. *in en yn*

12. *zich*

13. it tiidwurd 'moatte'

14. 't (dy't hiel faak fergetten wurdt)

15. 'as' en 'of'

16. *laatst(e)*

17. in protte/in soad

18. it streekje u - ú

19. i-lûden

20. Tiidwurden oan de ein fan de sin

Haadstik 2. Fryskeigen

Opdracht 1. Utdrukkings en wurdpearen 1

Der binne yn it Frysk hiel wat mear of minder rymjende wurdpearen, bygelyks *bûnt en blau*, *kleie en klieme*, *mei man en mûs*.

Folje yn de neikommende opjefen dy wurdpearen oan. Brûk byneed it wurdboek. En wat betsjutte de wurdpearen?

1. De blêden stowe wech ende _____.
2. It is dêr skjîn en oprêden om hûs en _____.
3. Foar dei en foar _____ gongen wy der al op út.
4. By dat ferhaal gong my de grize oer de _____.
5. It is skoof en _____.
6. Hy is troch skea en _____ wiis wurden.
7. _____ om let kaam er dochs thús.
8. Sy hat wol gauris wat innen en _____.
9. Mei it dwaan en _____ fan him haw ik no gjin muoite mear.
10. Syn hâlden en _____ is no aardich better te fernearen.
11. It is om hawwen en _____ te dwaan.
12. Yn syn hiele hear en _____.
13. Sljocht en _____, dat is it bêste.
14. Se binne ferhuze, mar se binne noch net te stoel en te _____.
15. Wy hawwe alles goed ôfpraat, it is yn kalk en _____.

Kies út: bank, dagen, dragen, fear, grouwe, hear, krijen, lang, litten, oanen, rjocht, semint, skande, skande, wear.

Opdracht 2. Utdrukkings en wurdpearen 2

1. Hy sjocht altyd apen en _____.
2. Dat frouminske is ivich en _____ fan hûs.
3. Sy rekken oan de hals en _____ ta yn 'e skuld.
4. It folk hie it dêr as wyn en _____.
5. As er dronken wie, sloech er alles oan grús en _____.
6. Dan wie hy dwers en _____.
7. Wy krije ús wiet en _____ wol op 'e tiid.
8. It bern gûlde sa, it gong jin troch ieren en _____.
9. Dat minske is fierstente goed, se lit mei hoazzen en _____ oer har hinne rinne.
10. Se wennen op in moai spul, mar no is alles op en _____.
11. Ja, sa is dat om en _____ gien.
12. Dy frou arbeidet by nacht en by _____.
13. Fan dy sporter seine se dat hy stikken noch _____ kin.'
14. Wy kinne ús rûm en _____ rêde.
15. It roaide kant noch _____; oaren sizze: it roaide igge noch _____.

Kies út: bearen, bôle, breed, dea, drûch, earen, erflik, ferkeard, grom, seame, sinen, skuon, ta, ûntiid, wâl, wei.

Opdracht 3. Ynfoloefening 1

1. Sa bliid as in _____
2. Sa sêd as in _____
3. Sa sterk as in _____
4. Sa fet as in _____
5. Sa slûch as in _____
6. Sa helder as in _____

Kies út: bij - mûs - slak - bear - baarch - protter

Ynfoloefening 4.

1. Sa _____ as in protter.
2. Sa _____ as in tyk.
3. Sa _____ as in holder.
4. Sa _____ as in kikkert.
5. Sa _____ as in snip.
6. Sa _____ as in hynder.
7. Sa _____ as in maits.
8. Sa _____ as in murd.
9. Sa _____ as in njirre.

Kies út: falsk, âld, wurch, hyt, sêd, ferkâlden, sterk, slûch, bliid



In protter (= *spreeuw*)

Ynfoloefening 5.

1. Sjen as in _____.
2. Switte as in _____.
3. Sliepe as in _____.
4. Rinne as in _____.
5. Stappe as in stoaterske _____.

Kies út: hoanne, okse, baarch, ûle, hazze

6. _____ as in brúnfisk.
7. _____ as in otter.
8. _____ as in tuorre.
9. _____ as in baarch.
10. _____ as in ljip.

Kies út: rinne, sliepe, sjen, hymje, swimme



In ljip (= kievit)

Haadstik 3. Oersetse

Opdracht 1. Set neikommende sinnen oer fan it Frysk nei it Nederlânsk.

1. De direktuer fan it grutte boubedriuw kin skoan nije wurknimmers brûke.

2. As jo it fytspaad del ride, dan de feart oanhâlde en rjocht op 'e tsjerke oan ride, dan komme jo der wol.

3. Troch de ekonomyske krisis moatte in soad minsken koart gers ite.

4. Us pake is noch goed by de tiid. Allinne it sicht wurdt wat minder.

5. De bern binne oan it toudûnsjen en blomkesykjen.

6. De kniper komt op 'e skine.

7. Doe't sy it minne nijs hearde waard sy lyts.

8. It skeel waard troch de mediator besljochte.

9. It hynder fjouwere troch de greide.

10. Piter is der net hielendal by. Hy koe wol in slach mei de moalpûde hân ha.



Oefening A. Set ûndersteande sinnen oer yn it Frysk.

1. Het staartje van het schattige hondje is korter dan zijn snuitje.

2. Kees wie al om negen uur op school. Heeft hij zich vergist?

3. De tas die Jochem op school had laten liggen is van zijn oudere zus.

4. Jan en Jantsje zaten samen een poosje in het weiland van de burens.

5. Zij geloofde niet dat dat excentrieke gebouw in de vorige eeuw gebouwd was.

6. Kleine kuikentjes mogen graag witte rijst.

7. De muziek waar ik veel van houd kan niet iedereen waarderen.

Oefening B. Set ûndersteande sinnen oer yn it Frysk

1. In de hele stad was er niemand die mij kon zeggen waar ik een hobbywinkel zou kunnen vinden.

2. Kijk, het gaat regenen, de lucht betreft helemaal.

3. Na dat ernstige ongeluk heeft hij een moeilijke periode doorgemaakt.

4. Hans en Grietje schrokken hevig toen er plotseling een lelijke oude heks mopperend in de deuropening verscheen.

5. De leerlingen klaagden over het laatste proefwerk: veel vragen waren veel te moeilijk.

6. Verboden toegang.

7. Gisteren was het nevelig en het motregende.

8. Ik ben blij dat jullie in zo groten getale zijn gekomen, zei de voorzitter.

9. Poes slikt het eten in één keer door en likt daarna het pannetje schoon.

10. Vanwege het miezeringe weer is ons reisje eigenlijk mislukt.

11. Ergens geloof ik niet dat hij het meent, wat zeg ik: ik weet het wel zeker.

12. Kijk, de gordijnen hangen scheef voor de ramen. Dat lijkt vreemd!

13. Zij vertelde dat ze de bui al lang had zien aankomen (figuerlik).

14. Waarom heb je niet gezegd dat je een cursus wil volgen?

15. De instantie waar de vraag over ging, bestaat al vijf jaar niet meer.

Oefening C. Set ûndersteande sinnen oer yn it Frysk

1. Het lijkt net of we steeds vroeger beginnen.

2. Nu iedereen zit, wil ik even wat zeggen.

3. Het feestje werd verzet, omdat er in voetbalwedstrijd op de televisie was.

4. Toen jij het snoer uit de knoop haalde, heb ik moeten wachten.

5. Jildou vroeg of ik mee naar de voorlichtingsavond ging.

6. Na een dag met warm en vochtig weer, begon het 's avonds te onweren.

7. Zullen we vanavond spinazie met een gekookt ei eten of heb je liever verse groentesoep?

8. Als het genoeg gevroren heeft, gaan we schaatsen.

9. De man die dat verhaal vertelde, sprak niet de waarheid.

10. De vrouw die het boek kwam halen, is gevallen.

11. Er waren maar weinig toeschouwers bij de demonstratie van oude ambachten.

12. Ik ben zo moe, ik kan niet meer op mijn benen staan.

13. Een paar deelnemers haakten voortijdig af.

14. Sommige mensen doen helemaal niet aan sport.

15. Is er dan niemand die met mij wil wandelen?



Sy binne tegearre oan it kuierjen

Oefening D. Set ûndersteande sinnen oer yn it Frysk

1. Zou u even willen controleren of mijn achterlicht wel brandt?

2. Moet ik meteen betalen of stuurt u mij een rekening?

3. Hij zal daar willen blijven wonen.

4. Het handige van een elektronisch woordenboek is dat je het makkelijk mee kan nemen.

5. In Friesland heeft bijna elk dorp wel een koor of een muziekkorps.

6. Muziek kan in kalmerend effect hebben op gestreste dieren.

7. Als je in een orkest wilt spelen, moet je wel muziek kunnen lezen.

8. Mijn vader verveelt zich altijd in de vakantie.

9. Zou u mij kunnen uitleggen hoe ik naar Lemmer moet rijden?

10. Ik dacht dat ik er problemen mee zou kunnen krijgen.

11. Ik denk niet dat jij in die degelijke, grijze tent wilt kamperen.

12. Dit vaasje is mooi, maar dat exemplaar vind ik mooier.

13. Marieke is de oudste maar ook de kleinste.

14. Zou ik om zes uur bij jou kunnen komen te eten?

15. Omdat de auto niet op de handrem stond, reed ie de sloot in.



Oepsy!

Tekst 1. Set oer yn geef Frysk

Dit jaar jarig Nijntje op kinderpostzegels

Leiden - Op de kinderpostzegels van dit jaar staat Nijntje, die 65 jaar is geworden.

De jaarlijkse actie zet zich dit keer in voor 90.000 kinderen in ons land die in een benarde thuissituatie leven, laat Stichting Kinderpostzegels weten.

Met Nijntje, die in 1955 voor het eerst werd getekend door Dick Bruna, wil de stichting een warm en prettig gevoel van veiligheid aan kinderen geven. Door de coronacrisis is de situatie voor deze groep kinderen, die nu noodgedwongen meer thuis zijn, nog schrijnender geworden. Op dit moment woont één op de vijftien kinderen in Nederland in een onveilige situatie, gemiddeld twee kinderen per schoolklas. Zij hebben thuis dagelijks te maken met ernstige problematiek, zoals huiselijk geweld, verwaarlozing, armoede of verslaafde ouders, aldus Stichting Kinderpostzegels.

Leerlingen uit groep zeven en acht gaan op 23 september voor de 72ste keer langs de deuren om postzegels en andere producten te verkopen. De actie wordt binnen de RIVM-richtlijnen ontworpen.

Boarne: *Leeuwarder Courant*, 24 juny 2020

Tal wurden: 161

Tekst 2. Set oer yn geef Frysk

Opnieuw subsidie om huisartsen te lokken

Leeuwarden - De provincie Fryslân gaat dit najaar wederom huisartsen helpen bij het bouwen of verbouwen van een praktijk.

De provincie heeft nog 300.000 euro klaarliggen voor huisartsen die zich in Friesland willen vestigen en daarvoor een pand moeten bouwen of verbouwen. De provincie hoopt vooral jonge dokters over de streep te trekken en een praktijk in Friesland te openen. De regeling kan zeker minimaal vijf huisartsen helpen.

Friesland heeft te maken met een daling van het aantal huisartsenpraktijken.

Huisartsen gaan met pensioen en opvolgers staan niet altijd klaar. Het probleem is al nijpend in Leeuwarden. In 2018 leidde het tot een campagne om huisartsen te verleiden zich te vestigen in Leeuwarden. De campagne leverde minimaal vijftien potentiële kandidaten op.

Tijdens de eerste subsidieronde kregen vijf huisartsen elk een bedrag van 50.000 euro en één huisarts 25.000 euro om een praktijk te bouwen of verbouwen. Tien huisartsen vielen buiten de boot. Zij waren te laat met hun aanvraag. Zij kunnen alsnog aanspraak maken, mochten ze binnen de subsidieregels vallen. Per aanvraag is maximaal 50.000 euro beschikbaar.

Ook kunnen huisartsen op kosten van de provincie advies inwinnen bij het aankopen of bouw van een pand voor hun praktijk.

De provincie gaat bij het verlenen van het geld kijken naar een goede spreiding over de provincie. In de eerste ronde werden huisartsen in Leeuwarden, Súdwest-Fryslân, Heerenveen, Smallingerland en Waadhoeke geholpen.

Boarne: *Leeuwarder Courant*, 24 juny 2020

Tal wurden: 237

Tekst 3. Set oer yn geef Frysk (vwo)

RIVM gaat telefoongegevens gebruiken tegen coronavirus

Het kabinet wil dat telecomaانبieders geanonimiseerde locatiegegevens van alle mobiele telefoons in Nederland gaan delen met het RIVM. Daarvoor ligt een noodwet klaar die een jaar van kracht blijft.

Het gaat om tellingen van het aantal mobiele telefoons per uur in elke gemeente, met daarbij informatie over de herkomst van die telefoons. Dat laatste baseert de telecomaانبieder op informatie over waar het apparaat het grootste deel van de tijd is.

Volgens het kabinet zijn de gegevens relevant omdat het inzicht geeft in hoe druk het ergens is. Ook kan het RIVM met de gegevens voorspellingen doen over hoe het coronavirus zich kan gaan verspreiden. Volgens het kabinet kan zo worden voorkomen dat maatregelen te laat komen en kunnen acties tegen het virus veel gericht worden genomen.

De Autoriteit Persoonsgegevens (AP) zegt de tekst van de noodwet die het kabinet gisteren publiceerde nog te bestuderen. Op de eerdere concepttekst reageerde de privacywaakhond zeer kritisch. Locatiegegevens van mobiele telefoons kunnen zeer gevoelige informatie bevatten, namelijk over wie waar is, dag en nacht, aldus de AP. Deelname aan dit plan van het kabinet is voor burgers bovendien niet vrijwillig. Daarom moet de noodzaak van de wet, het doel ervan en de waarborgen helder zijn. Volgens het kabinet zijn de gegevens die het RIVM krijgt ongeschikt om mensen te identificeren.

Boarne: *Trouw*, 30 maaie 2020

Tal wurden: 222

Tekst 4. Set oer yn geef Frysk

Dit zijn de gevaarlijkste dieren van Nederland (1): de koe

Veel bloeddorstige beesten hebben we niet in de lage landen. Maar ook bij ons kun je hardhandig met dieren in aanraking komen. Wat zijn de gevaarlijkste dieren van Nederland? Aflevering 1: de koe



Hoezo is een koe gevaarlijk?

Koeien zoeken niet snel ruzie. Maar als het je lukt om ze boos te maken, is het wel echt oppassen. Een koe kan je zonder pardon onder de voeten lopen (en dat wil je liever niet met een beest van gemiddeld 650 kilo). Het overkwam twee vrouwen toen ze vorig jaar met hun honden een wandeling maakten door natuurgebied de Broekloop, vlakbij het Noord-Brabantse Ulvenhout.

Koe neemt vrouw op de hoorns

‘Opeens zagen we de hele kudde op ons af komen. In een soort formatie, alsof iemand ze een fluitsignaal had gegeven’, vertelden ze in het AD. Beide vrouwen werden genadeloos omvergelopen. Een van hen lag gewond op de grond toen de ander meerdere keren op de hoorns wordt genomen en de lucht in wordt geslingerd. De laatste komt er met een gezwollen knie vanaf, maar de eerste moet met spoed naar het ziekenhuis.

Per jaar zijn er zo’n zestig incidenten met mensen en koeien. Sinds 2006 zijn er vier gevallen geweest met een dodelijke afloop.

Hoe voorkom je ongelukken met koeien?

Een koe zal niet zomaar een mens aanvallen. De dieren worden vooral zenuwachtig van honden die rondrennen en aan hun poten komen snuffelen. Honden zijn vaak de aanleiding van incidenten tussen koeien en wandelaars. Houd je huisdier daarom aan de lijn.

Verder is het verstandig om met een grote boog (met een afstand van ongeveer twintig meter) om een koe heen te lopen. Wat je vooral niet moet doen is plotseling rennen, hard krijsen of met stokken zwaaien. Door dat soort hysterisch gedrag voelt het beest zich bedreigd en zal hij eerder agressief reageren.

Boarne:

<https://www.quest.nl/natuur/dieren/a27783976/gevaarlijkste-dieren-van-nederland-de-koe>
(besjoen op 5 july 2019)

Tal wurden: 315

Tekst 5. Set oer yn geef Frysk

Zo heb je er nog nooit van gehoord en zo gaat iedereen in je omgeving er vol voor en voor je het weet jijzelf ook. Of het nu om dating app Tinder gaat of, om even terug in de tijd te duiken, om Crocs, Uggs of de loopstep. Zijn rages eigenlijk te voorspellen?

Is een rage te voorspellen?

Nee. Hét kenmerk van een rage is namelijk haar onvoorspelbaarheid. Een rage is per definitie een fenomeen of een (nieuw) idee dat bijna uit het niets gedurende een bepaalde tijd heel populair wordt, door heel veel mensen aan te steken, die er vervolgens hun gedrag op gaan afstellen.

Zo werd het erotische boek *Vijftig tinten grijs* na publicatie in 2011 massaal gelezen door zo'n zeventig miljoen vrouwen wereldwijd., was Pacman hét computerspelletje dat je in de jaren tachtig speelde en gingen we rondom 2005 massaal 'sonjabakkeren', terwijl dieetgoeroe Sonja Bakker bij gebrek aan belangstelling aanvankelijk niet eens een uitgever kon vinden voor haar dieetboeken en ze dus maar in eigen beheer uitgaf. Ook dansstijlen (zoals bijvoorbeeld de lambada) en websites kunnen een rage veroorzaken (denk aan Facebook).

Rages zijn wat dat betreft niet te verwarren met hypes, gebeurtenissen waarover we allemaal praten, nadat de media er massaal en buitensporig op hebben ingezoomd. Al leidt een rage op een gegeven moment vaak wel tot meer media-aandacht, waardoor ze nog langer kan blijven bestaan.

Maar uiteindelijk gaat het met een rage vaak zoals met een griepvirus: na steeds meer mensen besmet te hebben, worden we er uiteindelijk immuun voor. Opeens is het niet meer hip en vernieuwend maar juist duf en ouderwets. Een lot dat na Hyves, binnenkort ook Facebook zal treffen als we de voorspellingen van Princeton-onderzoekers John Cannarella en Joshua A. Spechler mogen geloven.

Dat rages dus moeilijk te voorspellen zijn en zomaar weer weg kunnen zijn, hoeft overigens niet te betekenen dat een comeback per definitie uitgesloten is, zeker wanneer het offline zaken betreft. Zo hebben knikkeren en voetbalplaatjes sparen door de tijden heen meerdere piekperiodes gekend, net als skaten en schoudervullingen.

Boarne: *Waarom drinken we zoveel koffie? 101 slimme vragen*, redaksje Sanne Deurloo en Anne van Kessel, Bertram + de Leeuw Uitgevers, kennislink.nl, 2014

Tal wurden: 341 woorden

Utlis:

Lês de sinnen earst in kear rêstich oer. Wurkje dan de oersetting yn it klad út.

Skriuw de Fryske sinnen dêrnei kreas oer. **Sla hieltyd in rigel oer.**

Foar de beoardieling wurdt der sjoen nei it oersetten en de stavering.

By it oersetten fan de sinnen mei **net** in wurdboek brûkt wurde.

Sinnen:

1. *Ik kan er niet tegen als ik 's avonds te laat naar bed ga.*
2. *Na het schaatsen gaan we met zijn allen voetballen.*
3. *Opa is nog helder van geest, alleen zijn ogen worden slechter.*
4. *De onzekere leraar zei dat we allemaal moesten gaan zitten.*
5. *Annabel werd boos, omdat Toon niet luisterde toen ze aan hem vroeg om zijn voeten te vegen.*
6. *Ik hoop dat het klopt dat Marije voor het examen is geslaagd.*
7. *Onze burens gaan volgende week trouwen.*
8. *Joost lust geen azijn in de sla, maar hij houdt er wel van om er wat gesmolten boter bij de aardappelen te doen.*
9. *'Jullie moeten samen mooi gaan spelen,' zei oma tegen haar kleinkinderen Joke en Sjouke.*
10. *Wij lagen in een deuk toen Pieter zei dat zijn vader jonger is dan zijn moeder.*

SKOALEKSAMEN 2 HAFU 2017 (T52)

Oersetting Nederlânsk - Frysk

Datum: 12 jannewaris 2017

Beskikbere tiid: 90 minuten (totaal)

Utlis:

Lês de tekst earst in kear rêstich oer. Wurkje dan de oersetting yn it klad út.

Skriuw de Fryske tekst dêrnei kreas oer. **Sla hieltyd in rigel oer.**

Foar de beoardieling wurdt der sjoen nei it oersetten en de stavering, grammatika en wurdskat en ynterferinsjes.

By it oersetten fan de tekst mei in wurdboek N - F brûkt wurde.

Winkelier Haulerwijk door het stof na 'inbraakgrap'

Haulerwijk - Onlinewinkel Datona in Haulerwijk zette dit weekend een filmpje van een inbraak in het magazijn op internet. Het bleek een nepinbraak, bedoeld als reclamestunt.

"Onze excuses", zegt eigenaar Annemiek Holman van Datona. "Dit hadden we van te voren niet verwacht. Ik zit hier erg mee in mijn maag, ik heb er buikpijn van." Een grap om 'een beetje naamsbekendheid' te krijgen, groeide dit weekeinde uit tot groot nieuws. De onlinewinkel zette zondag beelden van de zogenaamde inbraak in hun magazijn op Facebook. Dat had volgens manager Michel Stel meer effect dan wachten op de uitkomst van het politie-onderzoek. Hij meldde dat dieven voor ten minste een paar duizend euro aan gereedschap hadden buitgemaakt. Ze namen een 'paar heel dure dingen mee. Het was alsof ze wisten wat ze moesten hebben.' Ook gaf Snel aan dat hij al bij de politie zou zijn geweest.

Het bericht werd vervolgens ruim 350 keer door meelevende Facebookvrienden gedeeld. Eigenaar Holman kreeg daar zelf niets van mee. "Ik stond op de crossbaan met de kinderen en ontdekte het pas zondagavond."

De volgende ochtend mailde Holman de ware toedracht naar de krant. De in scène gezette inbraak was een actie geweest 'van een jong, enthousiast marketingteam' om gereedschapscadeaus voor 5 december onder de aandacht te brengen.

Later op de dag kwam er nog een tweede mail bij de redactie binnen van een boze man die vond dat hij door het bedrijf in de maling was genomen en waarin Holman meerdere malen door het stof ging.

Dat meelevende mensen bij eventueel volgende beelden van een overval mogelijk niet meer reageren, realiseerde ze zich bij het opzetten van de publiciteitsstunt niet. "Zover heb ik niet nagedacht. Ik had echt beter moeten weten."

Met het actief zoeken van publiciteit rond een nepinbraak heeft het bedrijf geen strafbaar feit gepleegd, zegt politiewoordvoerder Ernest Zinsmeyer. "Dit is op het randje. Het is jammer dat mensen op het verkeerde been zijn gezet." Hij raadt mensen aan op te letten of getoonde opnamen van de politie afkomstig zijn. "Dan weet je in ieder geval dat het om echte beelden gaat."

Boarne: *Leeuwarder Courant*, 15 novimber 2016 (bytsje oanpast)

SKOALEKSAMEN OM TE OEFENJEN - V6

Beskikbere tiid: 90 minuten (totaal)

Utlis:

Lês de sinnen earst in kear rêstich oer. Wirkje dan de oersetting yn it klad út. Skriuw de Fryske sinnen dêrnei kreas oer. **Sla hieltyd in rigel oer.** Foar de beoardieling wurdt der sjoen nei it oersetten en de stavering. By it oersetten fan de sinnen mei **net** in wurdboek brûkt wurde.

Sinnen:

1. *De directie is van plan enige bijkantoren te sluiten, maar we weten niet wanneer dat gaat gebeuren.*
2. *Ik vind dat we er voor vandaag maar mee moeten stoppen..*
3. *We hebben slaande ruzie met de burens, als dat zo blijft doorgaan denk ik dat we gaan verhuizen.*
4. *Ongeveer de helft van de bewoners van Friesland spreekt thuis Fries.*
5. *Ik geloof niet dat hij veel verstand van vogels heeft: hij kan nog geen mus van een Kievit onderscheiden.*
6. *Hij heeft zich in zijn lip gebeten en dat doet pijn.*
7. *Het zou erg jammer zijn als we deze wedstrijd gingen verliezen.*
8. *U loopt langs de kerk en komt dan uit op het plein tegenover het gemeentehuis.*
9. *Woedend maakte hij aanstalten om te vertrekken; ik dacht, laat maar, hij draait wel weer bij.*
10. *Hij heeft alweer een bon gekregen voor te snel rijden, wat zal hij kwaad zijn.*

Plus-medewerkers pizza's, sandwiches en verse seizoensmaaltijden staat klaar te maken. Lachende gezichten achter en voor de boodschappenkarretjes. 'We moeten met de tijd meegaan, hè', zegt een medewerker. Het klinkt bijna berustend.

Overzichtelijk, snel en efficiënt. Dat was decennialang het devies in de levensmiddelenbranche. Wie in de supermarkt werkte, was hoofdzakelijk bezig met het aanvullen van vakken, het innemen van lege flessen of het bedienen van de kassa. Ooit leken alle supermarkten op elkaar. Maar die tijd is nu echt voorbij.

De vermenging van supermarkten met functies uit de horeca is in Nederland sinds een jaar of drie gaande en is inmiddels flink op stoom aan het komen. De aandacht voor verse producten en ter plekke bereide snacks en maaltijden groeit gestaag, en niet alleen in de dichtbevolkte Randstad. Daarmee neemt ook het contact tussen personeel en klanten toe. Er ontstaat meer reuring in de supermarkt. Er valt meer te beleven. En juist dat is wat winkeliers nodig denken te hebben om in een tijd van groeiende online-aankopen te kunnen overleven.

Het Brabantse familiebedrijf Jumbo loopt daarin voorop. In Breda, Amsterdam-Noord en Veghel laat het met zijn Jumbo Foodmarkt zien wat de detailhandel bedoelt met het modewoord 'beleving'. Met fraaie bakstenen muren roepen deze winkels bij binnenkomst meteen een genoeglijke sfeer op van luxe en verwennerij. De eigentijdse supermarktmedewerker moet ook een beetje een theatermaker zijn, blijkt hier al gauw. Zo is er een oud-Hollandse slagerij die associaties wekt met ambachtelijke degelijkheid, een visboer met verse vis op krakend ijs. Personeel met koksmutsjes op schuift pizza's in een brandende steenoven, waarvan de vlammen tot achter in de winkel zichtbaar zijn. Uit doorzichtige kokers kan de klant zelf allerlei soorten muesli tappen en in de drankenhoek kan hij naast gewone supermarktwijnen ook exclusieve wijnen van 600 euro tot over de duizend euro per fles uitkiezen. Mede dankzij de aantrekkelijke economie en de groeiende belangstelling voor gezond, vers en duurzaam voedsel is er weer oog voor 'aloude kwaliteit' en daarmee ook voor de ambachtelijke kant van het vak van slager, bakker en kaasboer.

De traditionele kwaliteitssuper zonder toeters en bellen, met rechttoe-rechtaan-schappen onder tl-buizen, zal op termijn verdwijnen. De consument zal voor de aanschaf van zijn reguliere boodschappen - zeg maar het aanvullen van de voorraadkast met producten als pindakaas, hagelslag en wc-papier - in de komende vijf tot tien jaar nadrukkelijk online gaan regelen. Wie ook in de toekomst nog bij een fysieke winkel langs gaat, wil daar iets aantreffen wat hij online niet kan krijgen.

Boarne: *De supermarkt van de toekomst is een beleving* (in part), John Wanders, De Volkskrant - 25 november 2016

Tal wurden: 456

Rubric PTA I 2020 - 2021 Havo/vwo

1. Sinnen (35%)

Staving en grammatika

Oantal flaters: _____ Sifer: _____

2. It oersetten fan de sinnen

--

1. Fryskeigene:	1 - 2 - 3 - 4 - 5 - 6 - 7 - 8 - 9 - 10
2. Ynterferinsjes:	1 - 2 - 3 - 4 - 5 - 6 - 7 - 8 - 9 - 10
3. Tiidwurden:	1 - 2 - 3 - 4 - 5 - 6 - 7 - 8 - 9 - 10

Totaal 1. + 2. + 3. = _____ : 3 = _____

- 1. Sifer stavering en grammatika (50%) _____
- 2. Sifer foar it oersetten (50%) _____
- Sifer sinnen _____

2. Tekst - (65%)

1. Stavering en grammatika

Oantal flaters: _____ Sifer: _____

2. Rubric foar it oersetten

Punten	1.	2.	3.	4.	
Ynterferinsjes	Der sitte in protte, steurende ynterferinsjes yn it Frysk dat brûkt is.	Der sitte in behoarlik tal ynterferinsjes yn de tekst.	Der sitte in pear ynterferinsjes út it Nederlânsk en/of Ingelsk wei.	Der sitte gjin/amper ynterferinsjes út it Nederlânsk en/of it Ingelsk yn it	

				Frysk.	
It brûken fan de tiidwurden	Der sitte in protte steurende flaters yn it brûken fan de tiidwurden. Tiidwurden wurde omdraaid en it brûken fan de -n is net goed.	Tiidwurden wurde foar it grutste part omdraaid. Der binne mear as twa flaters by it brûken fan de -n.	Der sitte in pear flaters yn it brûken fan de tiidwurden. Ien of twa kear wurde tiidwurden omdraaid. Foar it grutste part wurdt de -n goed brûkt.	De tiidwurden binne korrekt brûkt.	
It oersetten	De tekst is letterlik oerset fan it Nederlânsk nei it Frysk.	De tekst is frijwol letterlik oerset. De oersetting befettet in pear Fryskeigene ûnderdielen.	De tekst befettet in tal moaie Fryskeigene ûnderdielen. In pear kear is de tekst letterlik oerset, wylst dat net hoegd hie.	By de oersetting is in protte gebrûkmakke fan it Fryskeigene.	
Gearhing fan de tekst	De tekst stûket bot.	De tekst stûket hjir en dêr.	De tekst rint reedlik flot.	De tekst rint flot.	

Der kin mei-elkoar 16 punten helle wurde foar it oersetten. Der kin ek heale punten jûn wurde.

Sifer: oantal punten behelle foar it oersetten fan de tekst (lêste kolom rubric) : 16 x 10

1. Sifer stavering en grammatika (50%) _____

2. Sifer foar it oersetten (50%) _____

Sifer tekst _____


→ Einsifer: sifer sinnen x 0,35 + sifer tekst x 0,65 = _____

Oersjoch fan de ûnderwerpen fan de filmkes

1. De letters gg/g/ch
2. De letters s/z
3. De letters v/f
4. De letters c/ch/q/x
5. De oergongsletter-w en de fêste letterkombinaasje iuw
6. It dakje op de a, e en o
7. De letters oe en û
8. It streekje op de u: ú

9. De letters i, y en iii
10. De lûden a/aa, e/ee en o/oo
11. De soldaten-regel
12. Twalûden en brekking
13. Stomme letters
14. De spaasje yn kombinaasje mei de apostrof
15. It meartal fan haadwurden
16. Ferlytsingswurden
17. De bûging fan regelmjittige tiidwurden
18. De -n achter in tiidwurd
19. De folchoarder fan de tiidwurden oan de ein fan sin
20. 10 Sinnen om oer te setten (N - F)

Plak foar eigen oantekeningen



Refleksje I

Om in dúdlik byld fan dysels en dyn prestaasjes te krijen, is it wichtich om te reflektearjen. By in refleksje sjochst werom nei watst dien hast, watst der fan leard hast en watst yn it ferfolch oars, better dwaan kinst.

Dêrmei kin in refleksje dy helpe om dyn prestaasjes yn de takomst te ferbetterjen. Sa soest yn it ferfolch de neidruk op dyn sterke punten lizze kinne of krekt wurkje oan dyn swakke punten. Behannelje (yn willekeurige folchoarder) ûndersteande punten yn dyn refleksje. It kin wêze datst guon fragen net beantwurdzje kinst. Sla dy fraach/fragen oer:

- Lês earst de refleksje fan april/maaie 2020 troch en reflektearje dêrop. Binne der saken feroare?

- Wat wie dyn situaasje oan it begjin fan perioade 1? Hoe stiest der foar? Sjoch ek nei de autobiografy dy'tst oan it begjin fan de perioade ynfold hast. Beskriuw de (eventuele) ferskillen.
- Hoe bisto dizze perioade oan de slach gongen? Wêr bist mei begongen en wat hast dêrnei dien ensafh. Mei oare wurden beskriuw it proses. Net in opsomming jaan fan watst dien hast.
- Bisto yn dizze perioade problemen tsjinkaam? Sa ja, hokker problemen wienen dat? Hasto dy problemen oplosse kind? Sa ja, hoe dan? Wat is de reden dat alles/in protte goedgongen is?
- Wat binne dyn sterke punten/wêr bist goed yn?
- Wat binne dyn swakke punten/wêr bist net sa goed yn?
- Wat soest yn de takomst ferbetterje wolle? Wat kinsto yn de takomst better/oars dwaan?
- Wat hast leard? Kwa kennis en persoanlike ûntwikkeling?
- Werkenst dy yn de útslach fan de twa persoanlikheidstests dy'tst oan it begjin fan de perioade ynfold hast? Wat wol/net?

Neist boppesteande fragen kinne der punten wêze dy'tst sels noch beskriuwe wolst, mar dy hjir net neamd binne.

Jou in wiidweidich antwurd op alle boppesteande punten, op dizze wize silst in dúdlik byld fan dysels en dyn prestaasjes krije.

It is foar de kwaliteit fan de lessen wichtich om fêst te stellen wat der better kin en wat der al goed is op dit momint. Dêrom is it wichtich om ek de folgjende punten te beskriuwen:

- Wat gong der goed yn de les?
- Wat gong net goed/min yn de les?
- Wat kin der better yn it ferfolch?
- Wat soest fuortlitte út de lessen?
- Wat ûntbrekt der oan de lessen? Is der wat wêr'tst graach mear fan sjen wolle soest?
- Wat binne tips en tops foar dizze perioade?

Neist boppesteande fragen kinne der punten wêze dy'tst sels noch beskriuwe wolst, mar dy hjir net neamd binne.

Lengte: It antwurd moat minimaal 30 wurden per fraach wêze.

Oer de opbou/struktuer fan de refleksje:

- Soargje foar in orzjinele, passende titel.
- De refleksje is in rinnend ferhaal! Dus **NET** de fragen ien foar ien beantwurdzje.
- Opbou: ynliding - kearn - slot.
- Lengte:
 - havo 400 wurden (± 10%)

- vwo 550 wurden ($\pm 10\%$). De ûnderbouwing(en) en taljochtingen moatte foar vwo-ers wiidweidiger en yngeander (= *diepgaander*) wêze.

De refleksje wurdt neisjoen oan de hân fan in rubric. Sjoch taheakke.

**STILSTAAN
BIJ JE
HANDELEN
IS
VOORUITGANG**

Loesje